

Noflik fan belied nei praktyk?

Undersyk nei de tapassing fan it taalbelied Frysk fan 'e gemeente Tytsjerksteradiel yn 'e gemeentlike organisaasje, it ûnderwiis, de berne-opfang en de pjutteboartersplakken

Burgum, 7 oktober 2009

KOLOFON

De Rekkenkeamerkommisje Tytsjerksteradiel bestiet út riedsleden en ûnôfhinklike leden.

Sy wurde stipe troch de riedsgriffier; hy fungearret as amtlik siktaris.

De rekkenkeamerkommisje hat in ûnôfhinklike posysje yn de gemeente.

Troch syn wurk wol de kommisje in bydrage leverje oan de kwaliteit fan it lokaal bestjoer yn de gemeente Tytsjerksteradiel. Dan giet it om it transparant wêzen fan it gemeentlik hanneljen en it fersterkjen fan de publike ferantwurdiging dêrfan.

De kommisje docht dat troch de effektiviteit, de doelmjittigens en de rjochtmjittichheid fan it belied dat de gemeente en it bestjoer fiert te ûndersykjen. De gemeenteried kriget dêr rapporten en advizen oer.

De Rekkenkeamerkommisje docht it ûndersyk sels. Meastentiids is der stipe fan eksterne ûndersikers.

Yn de ûndersiken wurdt altyd weromsjoen nei it ferline. It spesifike doel dêrfan is om te learen foar de takomst.

Gearstalling

Eksterne leden:

N. van Rijn (foarsitter)

J.J. Achterveld

W. Wiersma – van Asch

Riedsleden:

A. Hoekstra

R.H. Eizema

D. van der Wal

Amtlik siktaris:

S.K. Dijkstra (riedsgriffier), stipe troch

E. Annema – de Vries (griffymeiwurkster)

Dit ûndersyk is yn opdracht fan de Rekkenkeamerkommisje útfierd troch Bureau Beleidsonderzoek út Leeuwarden (ûndersyker: de hear E. Boneschansker).

Kontakt

Postbus 3

9250 AA BURGUM

Mail rekenkamercommissie@t-diel.nl

Website www.t-diel.nl/gemeenteraad

VOORWOORD

Een rapport over de toepassing van het beleid rond het gebruik van de Friese taal, ingeleid door een voorwoord in het Nederlands. Misschien is dat wel een illustratief voorbeeld van de dagelijkse praktijk en het dagelijkse dilemma.

De gemeente Tytsjerksteradiel is al enige decennia een voorloper als het gaat om het gebruik van de Friese taal. Als inwoner van deze gemeente was ik zo'n 20 à 25 jaar geleden getuige van alle polemieken rond het gebruik van de *Fryske plaknammen* en van de discussie tot aan de Raad van State toe rond het al dan niet mogen gebruiken van het Fries in het officiële verkeer en het al dan niet moeten vertalen van Friestalige stukken van de gemeente in het Nederlands.

Deze tijd ligt al ver achter ons en het officiële beleid is nu vooral gebaseerd op de slogan 'Fries wanneer het kan, Nederlands wanneer het moet'.

De rekenkamercommissie heeft zich de afgelopen tijd - ondersteund door het Bureau Beleidsonderzoek uit Leeuwarden - gebogen over de vraag of de ambities die de gemeente heeft ook tot resultaat hebben geleid. Ook de mate waarin resultaten blijvend zijn en een stimulans om verder door te ontwikkelen was daarbij relevant. Dit onderzoek is mede geïnitieerd vanuit het Management Team van de gemeente en heeft zich niet beperkt tot de gemeentelijke structuren, maar ook het onderwijs en de kinderopvang zijn betrokken. Het leidt tot een interessant en afwisselend beeld, dat niet zo maar tot enkelvoudige conclusies leidt. Eén ding lijkt wel helder: de ambities zijn hoog, maar de realisatie ervan is verder weg dan je zou hopen. Anderzijds is wel sprake van draagvlak als het gaat om de intentie achter het beleid en dat is pure winst, zeker ten opzichte van een kwart eeuw geleden.

De rekenkamercommissie hecht eraan om ieder die heeft meegewerkt aan dit onderzoek te bedanken voor haar of zijn bijdrage.

Het gehele rapport is - uiteraard - in het Fries. Dat is op zich een uitdaging, want zelfs binnen de rekenkamercommissie en zelfs bij de Friestaligen in die commissie is het lezen en verwerken van het rapport toch wat als 'dreech' ervaren en dat is dan ook een (niet officieel vastgesteld) onderzoeksresultaat.

Wij wensen u veel leesplezier toe.

Nysius van Rijn
voorzitter rekenkamercommissie

YNHALD

GEARFETTING	7
SAMENVATTING	11
1 YNLIEDING	
1.1 Oanlieding en doel ûndersyk	15
1.2 Wetlik en beliedsmjittich ramt taalbelied	16
1.3 Undersyksramt en -doel	17
1.4 Oare stúdzjes taal(belied)	18
1.5 Ferantwurding en oanpak	19
1.5 Lêswizer	21
2 BESKRIUWING FAN IT GEMEENTLIK TAALBELIED	
2.1 Ramt en doel	23
2.2 Taalbelied gemeentlike organisaasje	24
2.3 Taalbelied foarskoalske opfang en ûnderwiis	26
3 RESULTATEN ENKÊTE	
3.1 Ynlieding	29
3.2 Ferantwurding enkête en respons	29
3.3 Kennis fan taalbelied	34
3.4 Maatregels	36
3.5 Taalgebrûk yn 'e praktyk	39
3.6 Taalhâlding	42
3.7 Beheinings en ferbetteringen	43
4 ANALYZE DOELEN EN OANPAK TAALBELIED	
4.1 Ynlieding	45
4.2 SMART	45
4.3 Typearring fan maatregels	47
4.4 Fragelist management	48
4.5 Evaluaasje Utfieringsplan Frysk	49
4.6 Ynterviews	50
5 BEFININGEN, KONKLÚZJES EN OANBEFELLINGS	55
6 REAKSJE KOLLEEZJE OP FOLSLEINENS EN FEITLIKE UNWIERHEDEN	63
7 NEIWURD	65
Dokumintaasje en literatuer	67
Taheakke I: Ynterviewde persoanen	69
Taheakke II: Taalstúdzjes	71
Taheakke III: Detailsifers by figueren	75

GEARFETTING

De rekkenkeamerkommisje fan 'e gemeente Tytsjerksteradiel hat in ûndersyk dien nei it taalbelied Frysk fan 'e gemeente. Eftergrûn is de yndruk dat de útfiering fan it belied yn 'e praktyk beheind is. Doel fan it ûndersyk is it krijen fan ynsjoch yn 'e faktoaren dy't fan ynfloed binne op 'e útfiering en effektiviteit fan it taalbelied. Dat ynsjoch moat oanbefellings opleverje om fierdere ymplementaasje en tapassing fan it Frysk taalbelied te fersterkjen.

Enkête

Yn it ûndersyk is in enkête hâlden ûnder meiwurkers fan 'e gemeente, dosinten fan basisskoallen en fuortset ûnderwiis, en groepsliedsters yn bernedeiferbliuwen en pjutteboartersplakken. De wichtichste resultaten fan 'e enkête binne de neikommende.

Taalbehearsking. It Frysk ferstean kinne hast alle respondinten (hiel) goed. Ek fan praten en lêzen jout de mearderheid oan dat sy dat (hiel) goed kinne. Frysk skriuwen is dúdlik foar de measte minsken it dreechst. Dit byld is oer it gehiel gelyk oan dat fan alle ynwenners fan Tytsjerksteradiel en Fryslân.

Kennis fan belied. Dosinten yn it fuortset ûnderwiis en groepslieding yn 'e foarskoalske opfang hawwe yn mearderheid gjin kennis fan it *gemeentlik* belied; dosinten yn it basisûnderwiis wol. Gemeentlike meiwurkers witte yn mearderheid fan it gemeentlik belied ôf, mar de measten inkeld in bytsje. Foaral yn it ûnderwiis jouwe meiwurkers oan dat der ien of oare foarm fan taalbelied is yn 'e *eigen* organisaasje.

Funksje-eask. Neffens in grut part fan 'e respondinten is behearsking fan it Frysk in formele funksje-eask. It giet dan foaral om (goed) ferstean, en folle minder om praten, lêzen en skriuwen. Goed 30% fan alle respondinten jout oan dat der fan harren gjin taalbehearsking easke of ferwachte wurdt. Alhoewol't de funksje-eask foar in grut part fan 'e respondinten as in formeel gegeven jildt, komt it hast net yn funksjonearringspetearen oan de oarder.

Kursus. By it tal respondinten dat in kursus Frysk dien hat, is it basisûnderwiis opfallend: hast trije fjirde fan 'e dosinten hat in kursus dien. Faak is dit de kursus foar 'akte Frysk/Frysk foech'. By de gemeente hat minstens 20% fan 'e meiwurkers in kursus dien.

Frysk materiaal. Skoallen en foarskoalske opfang beskikke oar Frysktalich materiaal, mar brûke dat lang net altyd. Der binne ek Fryske boekjes beskikber, mar dochs wurdt faak yn it Nederlânsk foarlêzen.

Brûken fan it Frysk. By eksterne kontakten fan gemeentlike meiwurkers wurdt it Frysk net faak brûkt. Yn 'e wurksitewaasje wurdt it Frysk foaral yn ynformele kontakten brûkt en minder yn formele sitewaasjes of yn kontakt mei persoanen heger yn 'e organisaasje. By skriftlike kommunikaasje wurdt it Frysk (hast) nea brûkt.

Taalhâlding. Oer it gehiel hawwe de respondinten in positive hâlding foar it Frysk oer. It Frysk wurdt wichtich fûn, mar it hat gjin prioriteit as it giet om konkrete aksje te ûndernimmen.

Analyze fan belied

Yn it ûndersyk is ek besjoen wat de konkrete maatregels binne fan 'e gemeente en hoe't dy yn 'e praktyk útfierd binne. De beliedsnota's en -dokuminten foarmje de basis foar dy analyse. Fierder is gebrûk makke fan ynterviews en in resinte gemeente-ynterne evaluaasje. De wichtichste resultaten fan 'e beliedsanalyse binne de neikommende.

Doelen en opset fan it belied. In part fan 'e doelen en maatregels foar it taalbelied rjochte op 'e gemeentlike organisaasje is SMART formulearre, mar in part is dat net.¹ De doelen foar it taalbelied rjochte op 'e foarskoalske opfang en it ûnderwiis binne globaal formulearre. In tal doelen kin metten wurde, in tal doelen net. Monitoring fan 'e ynset en de effekten fan 'e maatregels wurdt net systematysk dien. Der is gjin hurde tiidsplanning fan it belied.

Effektiviteit. Op basis fan dit ûndersyk kin gjin algemiene útspraak dien wurde oer de fraach oft in mear ferplichtsjend of mear frijbljuwend belied effektiver is. Wol is de yndruk dat de bemuoienis fan 'e gemeente mei de kwaliteit fan it oanbod en de taalúntwikkeling yn 'e pjutteboartersplakken yn dy sektor bydroegen hat oan de relatyf grutte oandacht dy't dêr foar it Frysk is. Ek kin konstataarre wurde dat de finansjele stipe foar materiaal en lesmetoaden foar de foarskoalske opfang en it ûnderwiis brûkt wurdt wêr't it foar bedoeld is.

Type maatregels. Yn it belied foar de gemeentlike organisaasje stean in tal ferplichtsjende maatregels op papier, mar dy wurde yn 'e beliedspraktyk net brûkt of komme (hast) net foar. Per saldo wurdt yn it belied foaral gebrûk makke fan positive prikkels en ôfspraken. Dy ôfspraken binne yn 'e praktyk net hiel hurd.

Ferskillende prioriteiten en belangen. Der binne ferskillen yn belangen en prioriteiten fan kolleezje en rie oan de iene kant en it foar de útfiering ferantwurdlike managementteam oan de oare kant. It management hat prioriteiten - wurkynhâld, tiidsplanning en oanstjoering fan 'e meiwurkers - dy't net altyd passe by in aktyf belied Frysk. De taalhâlding fan it management is posityf, mar yn 'e praktyk hat it Frysk gjin prioriteit. It doel fan 25% Frysktalige stikken wurdt bygelyks troch it management as net realistysk en te ambisjeus beskôge.

Bestjoerlike ôfspraken. It belied oangeande it skriftlik gebrûk fan it Frysk yn it bestjoerlik ferkear is net realisearre, nettsjinsteande dúdlike, skriftlike bestjoerlike ôfspraken en ûndertekening fan in yntinsjeferklearring tusken provinsje en gemeenten.

Konklúzjes: antwurden op de ûndersyksfragen

- De gemeente Tytsjerksteradiel hat yn ferliking mei oare gemeenten in breed en ambisjeus taalbelied opsetten mei in relatyf grut tal maatregels. Dit ûndersyk lit sjen dat der in ferskil is tusken beliedspraktyk en it belied sa't dat yn 'e ferskillende beliedsnotysjes op papier set is. In tal maatregels rjochte op 'e gemeentlike organisaasje is yn 'e praktyk beheind útfierd. De beliedspraktyk is mear frijbljuwend ('noflik') fan karakter, as it belied sa't dat yn 'e ferskillende beliedsnotysjes dellein is.
- It taalbelied fan 'e gemeente is net hieltyd SMART formulearre en foldocht mar foar in part oan in goede ynbêding yn 'e beliedssyklus en yn 'e organisaasje. Oan in goede ynbêding yn 'e beliedssyklus en yn 'e organisaasje en oan monitoring is ûnfoldwaande

¹ SMART stiet foar Spesifyk, Mjitber, Akseptabel, Realistysk en Tiidbûn.

oandacht bestege by de opset fan it belied. Dat moat sjoen wurde as in wichtige 'omisje'.

- Der is in ferskil yn (ynterpretaasje fan) doelen en ynstruminten tusken kolleezje en rie oan de iene kant en de amtlike organisaasje, sawol wat meiwurkers as it management oanbelanget, oan de oare kant. Yn 'e praktyk wurdt de útfiering fan it 'reguliere' belied wichtiger fûn. Benammen de útfiering binnen de gemeentlike organisaasje om it skriftlik brûken fan it Frysk hinne en de taaleasken foar meiwurkers binne yn 'e praktyk losser ynfolle as dat sy op papier útienset binne. Der is ek te min in foarbyldfunksje fan it management en it management wurdt net genôch ôfreckene op it belied dêr't it wol ferantwurdlik foar is. Yn dy sin is de útfiering te 'los' ferlike mei de ambysjes en ôfspraken dy't op papier steane.
- De gemeente hat (hast) gjin foech om yn it ûnderwiis en de foarskoalske opfang belied te beynfloedzjen. Praktysk sjoen kin de gemeente allinnich posityf stimulearje en fia ôfspraken it belied fan 'e ynstellings beynfloedzje. Fierder is de yndruk dat der ûndúdlikens is oer wa't no ferantwurdlik is foar taalbelied yn it ûnderwiis en de foarskoalske opfang: de gemeente, it Sintrum Frysktalige Berne Opfang, Cedin en/of de provinsje.
- By it belied rjochte op 'e gemeentlike organisaasje docht bliken dat de kennis oer details fan it belied en spesifike maatregels beheind is. De taalhâlding fan belutsenen is op harsels posityf foar it Frysk oer, mar ferplichtsjende maatregels lykje lestich te akseptearjen.
- Praktyske beheiningen yn 'e sfear fan te min tiid en ekstra kosten spylje ek in rol. Der soe steld wurde kinne dat as de gemeente wier taalbelied wol, dan ek tiid en finansjele middels frij makke wurde moatte om praktyske beheiningen op te lossen.

Yn it rapport is in tal **oanbefellings** oanjûn dy't te krijen ha mei de doelen en opset fan it belied, en mei de organisaasje en ferantwurdlikheidsferdieling. Dy gean oer dúdlikheid oer de doelen en ferantwurdlikheid, en it systematysk ynpassen fan it belied yn 'e reguliere *planning- en controlcyclus*. Ek wurdt oandacht bestege oan de sichtberens fan it beleid yn 'e organisaasje. Dêrneist wurdt in tal praktyske maatregels oanbefelle. De oanbefellings binne te finen yn haadstik 5.

SAMENVATTING

De rekenkamercommissie van de gemeente Tytsjerksteradiel heeft een onderzoek gedaan naar het taalbeleid van de gemeente. Achtergrond is de indruk dat de uitvoering van het beleid in de praktijk beperkt is. Doel van het onderzoek is het krijgen van inzicht in de factoren die de uitvoering en de effectiviteit van het beleid beïnvloeden. Dat inzicht moet aanbevelingen opleveren voor het versterken van de verdere implementatie en toepassing van het taalbeleid Fries.

Enquête

In het onderzoek is een enquête gehouden onder medewerkers van de gemeente, docenten van basisscholen en voortgezet onderwijs, en groepsleidsters in kinderdagverblijven en peuterspeelzalen. De belangrijkste resultaten van de enquête zijn de volgende.

Taalbeheersing. Het Fries verstaan kunnen bijna alle respondenten (heel) goed. Ook van spreken en lezen geeft een meerderheid aan dat (heel) goed te kunnen. Fries schrijven is duidelijk het moeilijkst voor de meeste mensen. Dit beeld komt over het algemeen overeen met dat van alle inwoners van Tytsjerksteradiel en Friesland.

Kennis van beleid. Docenten in het voortgezet onderwijs en groepsleiding in de voorschoolse opvang hebben in meerderheid geen kennis van het *gemeentelijke* beleid; docenten in het basisonderwijs wel. Gemeentelijke medewerkers weten in meerderheid van het gemeentelijke beleid af, maar de meesten alleen een beetje. Vooral in het onderwijs geven medewerkers aan dat er een of andere vorm van taalbeleid is van de *eigen* organisatie.

Functie-eis. Volgens een groot deel van de respondenten is beheersing van het Fries een formele functie-eis. Het gaat dan vooral om (goed) verstaan, en veel minder om spreken, lezen en schrijven. Ruim 30% van alle respondenten geeft aan dat er van hen geen taalbeheersing vereist of verwacht wordt. Alhoewel de functie-eis voor een groot deel van de respondenten een formeel gegeven is, komt het bijna niet aan de orde in functioneringsgesprekken.

Cursus. Bij het aantal respondenten dat een cursus Fries gedaan heeft, is het basisonderwijs opvallend: bijna driekwart van de docenten heeft een cursus gedaan. Vaak is dat de cursus voor '*akte Frysk/bevoegdheid Fries*'. Bij de gemeente heeft minstens 20% van de medewerkers een cursus gedaan.

Fries materiaal. Scholen en voorschoolse opvang beschikken over Friestalig materiaal, maar gebruiken dat lang niet altijd. Er zijn Friese boekjes beschikbaar, maar toch wordt er vaak voorgelezen in het Nederlands.

Gebruik van het Fries. Bij externe contacten van gemeentelijke medewerkers wordt het Fries niet vaak gebruikt. Op het werk wordt het Fries vooral gebruikt bij informele contacten en minder bij formele situaties of bij contact met personen die hoger in de organisatie staan. Bij schriftelijke communicatie wordt het Fries (bijna) nooit gebruikt.

Taalhouding. Over het geheel genomen hebben de respondenten een positieve houding tegenover het Fries. Het Fries wordt belangrijk gevonden, maar het heeft geen prioriteit als het gaat om het ondernemen van concrete actie.

Analyse van beleid

In het onderzoek is ook bekeken wat de concrete maatregelen van de gemeente zijn en hoe die in de praktijk zijn uitgevoerd. De beleidsnota's en -documenten vormen de basis voor die analyse. Verder is gebruik gemaakt van interviews en een recente gemeente-interne evaluatie. De belangrijkste resultaten van de beleidsanalyse zijn de volgende.

Doelen en opzet van het beleid. Een deel van de doelen en maatregelen voor het taalbeleid gericht op de gemeentelijke organisatie is SMART geformuleerd, maar een deel is dat niet.² De doelen van het taalbeleid gericht op de voorschoolse opvang en het onderwijs zijn globaal geformuleerd. Een aantal doelen kan gemeten worden, een aantal doelen niet. Monitoring van de inzet en de effecten van de maatregelen wordt niet systematisch gedaan. Er is geen harde tijdsplanning van het beleid.

Effectiviteit. Op basis van het onderzoek kan geen algemene uitspraak worden gedaan over de vraag of een meer verplichtend of een meer vrijblijvend beleid effectiever is. Wel is de indruk dat de bemoeienis van de gemeente met de kwaliteit van het aanbod en de taalontwikkeling in de peuterspeelzalen in die sector bijgedragen heeft aan de relatief grote aandacht die daar voor het Fries is. Ook kan geconstateerd worden dat de financiële steun voor materiaal en lesmethoden voor de voorschoolse opvang en het onderwijs gebruikt wordt waar het voor bedoeld is.

Type maatregelen. In het beleid voor de gemeentelijke organisatie staat een aantal verplichtende maatregelen op papier, maar die worden in de beleidspraktijk niet gebruikt of komen (bijna) niet voor. Per saldo wordt in het beleid vooral gebruik gemaakt van positieve prikkels en afspraken. Die afspraken zijn in de praktijk niet erg hard.

Verschillende prioriteiten en belangen. Er zijn verschillen in belangen en prioriteiten van het college en de raad aan de een kant en het voor de uitvoering verantwoordelijke managementteam aan de andere kant. Het management heeft prioriteiten - werkinhoud, tijdsplanning en aansturing van de medewerkers - die niet altijd passen bij een actief Fries beleid. De taalhouding van het management is positief, maar in de praktijk heeft het Fries geen prioriteit. Het doel van 25% Friestalige stukken wordt bijvoorbeeld door het management als niet realistisch en te ambitieus beschouwd.

Bestuurlijke afspraken. Het beleid dat gaat over het schriftelijke gebruik van het Fries in het bestuurlijke verkeer is niet gerealiseerd, terwijl er wel duidelijke, schriftelijke bestuurlijke afspraken zijn en die ook ondertekend zijn in een intentieverklaring tussen provincie en gemeenten.

Conclusies: antwoorden op de onderzoeksvragen

- De gemeente Tytsjerksteradiel heeft in vergelijking met andere gemeenten een breed en ambitieus taalbeleid opgezet met een relatief groot aantal maatregelen. Dit onderzoek laat zien dat er een verschil is tussen beleidspraktijk en het beleid zoals dat in de verschillende beleidsnotities op papier gezet is. Een aantal maatregelen gericht

² SMART staat voor Specifiek, Meetbaar, Acceptabel, Realistisch en Tijdgebonden.

op de gemeentelijke organisatie is in de praktijk beperkt uitgevoerd. De beleidspraktijk is meer vrijblijvend ('noflik') van karakter, dan het beleid zoals dat in de beleidsnotities is neergelegd.

- Het taalbeleid van de gemeente is niet altijd SMART geformuleerd en voldoet maar ten dele aan een goede inbedding in de beleidscyclus en in de organisatie. Aan een goede inbedding in de beleidscyclus en in de organisatie is bij de opzet van het beleid onvoldoende aandacht besteed. Dat moet gezien worden als een belangrijke ommissie.
- Er is een verschil in (interpretatie van) doelen en instrumenten tussen het college en de raad aan de ene kant en de ambtelijke organisatie, zowel wat betreft de medewerkers als het management, aan de andere kant. In de praktijk wordt de uitvoering van het 'reguliere' werk belangrijker gevonden. Met name de uitvoering binnen de gemeentelijke organisatie rondom het schriftelijk gebruik van het Fries en de taaleisen voor medewerkers zijn in de praktijk losser ingevuld dan zoals ze op papier opgesteld zijn. Er gaat te weinig een voorbeeldfunctie uit van het management en het management wordt niet genoeg afgerekend op het beleid waar het wel verantwoordelijk voor is. In die zin is de uitvoering te 'los' in verhouding tot de ambities en afspraken die op papier staan.
- De gemeente heeft (bijna) geen bevoegdheid om in het onderwijs en de voorschoolse opvang beleid te beïnvloeden. Praktisch gezien kan de gemeente alleen positief stimuleren en via afspraken het beleid van de instellingen beïnvloeden. Verder is de indruk dat er onduidelijkheid is over wie nou verantwoordelijk is voor taalbeleid in het onderwijs en de voorschoolse opvang: de gemeente, het Sintrum Frysktalige Berne Opfang, Cedin en/of de provincie.
- Bij het beleid gericht op de gemeentelijke organisatie blijkt dat de kennis over details van het beleid en specifieke maatregelen beperkt is. De taalhouding van betrokkenen is op zichzelf positief wat betreft het Fries, maar verplichtende maatregelen lijken lastig te accepteren.
- Praktische beperkingen in de sfeer van te weinig tijd en extra kosten spelen een rol. Er zou gesteld kunnen worden dat als de gemeente echt taalbeleid wil, dan ook tijd en financiële middelen vrij gemaakt moeten worden om praktische belemmeringen op te lossen.

In het rapport is een aantal **aanbevelingen** aangegeven die te maken hebben met de doelen en opzet van het beleid, en met de organisatie en verantwoordelijkheidsverdeling. Die gaan over duidelijkheid over de doelen en verantwoordelijkheid, en het systematisch inpassen van het beleid in de reguliere *planning- en controlcyclus*. Ook wordt aandacht besteed aan de zichtbaarheid van het beleid in de organisatie. Daarnaast wordt een aantal praktische maatregelen aanbevolen. De aanbevelingen staan in hoofdstuk 5.

1 YNLIEDING

1.1 Oanlieding en doel ûndersyk

De gemeente Tytsjerksteradiel stiet bekend as in Frysktalige gemeente. Tytsjerksteradiel nimt yn in rangoarder fan Frysktalige gemeenten de topposysje yn en is te beskôgjen as ien fan 'e foaroprinders op it mêd fan gemeentlik taalbelied Frysk.³ De gemeente is al langer belutsen by maatregels en belied om twataligens hinne.⁴ It hjoeddeistige taalbelied fan 'e gemeente is fêststeld yn in tal notysjes, benammen Frysk Fitaal (I en II), it Utfieringsplan Frysk foar de gemeente, en de Yntinsjeferklearring mei de provinsje en oare gemeenten. De gemeente wol it brûken fan it Frysk njonken it Nederlânsk stimulearje en it draachflak foar it brûken fan it Frysk fergrutsje. De Fryske taal moat linich en posityf tapast wurde mei as útgongspunt Frysk dêr't it kin en Nederlânsk dêr't it moat.

Wêr't it taalbelied yn 'e tachtiger jierren faak op eigen inisjatyf en 'tsjin de klippen op' barde, is der troch de fêststelling fan (Europeesk en nasjonaal) ramt yn 'e tuskentiid in wichtige bestjoerlike en juridyske basis foar taalbelied. Mei it fêststellen fan it bestjoerlike en juridyske ramt is taalbelied lykwols noch gjin wurklikheid. Yn 'e útfiering rint de gemeente tsjin beheining op. Dy hawwe foar in part te krijen mei it beheinde foech fan gemeenten op in tal terreinen, mar hawwe foar in oar part ek te krijen mei knipepunten en tûkelteammen yn 'e útfiering sels. Yn 'e gemeentlike beliedsnotysje 'Frysk Fitaal II' wurdt dat ek troch de gemeente konstataarre. Benammen it Frysk skriuwen komt neffens dy notysje noch mar in lyts bytsje fan 'e grûn. Belied opstelle en fêststelle is ien ding, it útfieren en wier tapassen fan maatregels in oar. Yn Frysk Fitaal II wurdt wat dat oanbelanget opmurken dat taalbelied noch net 'tusken de earen' sit. It Frysk brûke as it kin, giet noch net fansels.

Tsjin dy eftergrûn hat de rekkenkeamerkommisje fan 'e gemeente Tytsjerksteradiel in ûndersyk dien nei yn hoefier't it taalbelied ek wier útfierd en tapast wurdt.⁵ Doel is om ynsjoch te krijen yn 'e faktoaren dy't de ymplementaasje en effektiviteit fan it taalbelied beynfloedzje. Dat ynsjoch moat oanbefellings opleverje om fierdere ymplementaasje en tapassing fan it taalbelied Frysk te fersterkjen.

It ûndersyk is op te fetsjen as in ferdjippjende stúdzje. Fan belang is benammen it ynsjoch yn faktoaren dy't in rol spylje by de beliedsútfiering. Dat binne ek de oanknopingspunten foar eventuele beliedsoanbefellings. In tal mooglike faktoaren wurdt yn it ûndersyk om sa te sizzen toetst. It ûndersyk is gjin ferkennende stúdzje.

Yn dit ûndersyk wurdt it begryp effektiviteit brûkt. Effektiviteit (of doeltreffendheid) is de ferhâlding tusken de realisearre doelen (effekten) en de ynset (input) dy't dêrfoar nedich is. Dit ûndersyk sil lykwols net besjen yn hoefier't de doelen realisearre binne. Der wurdt

³ Yn 'e oersichten fan taalbelied yn gemeenten yn Fryslân komt de gemeente Tytsjerksteradiel de lêste twa mjittingen út op 'e topposysje (mjittingen yn 2005 en 2007). Dy topposysje wurdt bepaald troch de (relative) skoares op in tal beliedsfjilden (sjoch Berie, 2005, en Krol, 2007). Dy beliedsfjilden (of 'menu's') binne yn it provinsjale ûndersyk: bestjoer, ûnderwiis, kultuer, media, sosjaalkultureel wurk, en sûnensoarch. By gemeente yntern giet it om belied, yntern, personiel, en kommunikaasje en foarljochting. By ûnderwiis giet it om foarskoalske perioade, basisûnderwiis, fuortset ûnderwiis, en folwoeksenenûnderwiis. Sjoch ek paragraaf 1.4.

⁴ Tytsjerksteradiel hat al yn 1982 in eigen gemeentlik taalbelied formulearre. De plaknammen binne offisjeel yn it Frysk.

⁵ Ut it managementteam (MT) en ek it kolleezje fan boargemaster en wethâlders wei hat de rekkenkeamerkommisje de suggestje krigen om it taalbelied Frysk neier te ûndersykjen. Yn in oriïntearjend petear mei inkele gemeentlike meiwurkers is de rekkenkeamerkommisje dúdlik wurden dat der yndie praktyske beheiningen binnen de organisaasje binne, of yn elts gefal ûnderfûn wurde.

dus net in mjitting dien fan it taalgebrûk by de ynwenners fan 'e gemeente of de bern yn it ûnderwiis en foarskoalske opfang. De effektiviteit wurdt allinnich yndirekt besjoen troch de miening en oardielen te freegjen fan gemeentlike meiwurkers respektifyk dosinten en groepsliding, en 'tuskenprodukten' te mjitten.

It ûndersyk beheint him ta de neikommende fjilden fan taalbelied: gemeentlike organisaasje, berne-opfang, pjutteboartersplakken en ûnderwiis.⁶ Foaral dizze sektoaren nimme, yn termen fan tal maatregels, binnen it folsleine taalbelied in wichtich plak yn.

1.2 Wetlik en beliedsmjittich ramt taalbelied

Gemeentlike organisaasje

Wat de gemeentlike organisaasje oanbelanget wurde sizzenskip en foech ynfolle troch it wetlike ramt en in tal beliedsnota's.

Foar it gemeentlik taalbelied wurdt it formele ramt foarme troch:

- *Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden* (1996);
- *Algemene wet bestuursrecht* (wiziging 2001);
- *Bestuursafpraak Friese taal en cultuur* (2001);
- *Uitvoeringsconvenant Friese taal en cultuur* (2005).

Mei de ûndertekening fan it Europeesk Hânfêst foar regionale of minderheidstalen hat it Nederlânske regear him ferplichte it Frysk as offisjele minderheidstaal te erkennen en it Frysk te beskermjen en yn stân te hâlden. It Hânfêst foarmet de basis foar de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer tusken it Ryk en de provinsje Fryslân en it dêrop basearre útfieringskonvenant.

Njonken dat formele (wetlike) ramt is der it provinsjale belied. Dat is fêstlein yn 'e provinsjale taalbeliedsnotysje 'Fan Rjocht nei praktyk' foar de perioade 2008-2010.⁷ De provinsjale doelen ha te krijen mei taalbehearsking, imago, draachflak, sichtberens en oerdracht (fan generaasje op generaasje) fan 'e taal. Mei de provinsje en in fyftjintal gemeenten is ek de 'Yntinsjeferkearring Frysk taalbelied' opsteld.

(Wetlik) ramt taalbelied

It Europeesk Hânfêst foar regionale of minderheidstalen is yn 1996 ûndertekene troch de Nederlânske oerheid. It Hânfêst is offisjeel yn 1998 yn wurking treden, nei ratifisearring troch de lidsteaten fan 'e Ried fan Europa. Foar it Frysk hat it Nederlânske regear him ferplichte ta it útwurkjen fan in tal bepalingen (Haadstik III fan it Hânfêst). De bepalingen binne ferdield oer alle domeinen fan it maatskiplik libben. Troch it Frysk as offisjele minderheidstaal te erkennen ferplichte it regear him ta it beskermjen en yn stân hâlden fan 'e *status quo* fan it Frysk en ta it fersterkjen fan 'e posysje fan it Frysk.

It Hânfêst foarmet de basis foar de (tredde) Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer tusken it Ryk en de provinsje Fryslân út 2001. Dizze bestjoersôfspraak is opset neffens de haadstikken fan it Europeesk Hânfêst. De bestjoersôfspraak is fierder útwurke yn it útfieringskonvenant út 2005. De doelstellings dêryn binne foaral formulearre yn termen fan befoardering en it weinimmen fan beheiningen foar it brûken fan it Frysk.

Lanlik is yn 1995 de wiziging fan 'e Algemiene wet bestjoersrjocht (Awb) fan krêft wurden, wêryn't de legere oerheden yn Fryslân tastien wurdt om it Frysk te brûken yn offisjele skriftlike stikken. Betingst dêrby is, dat der in oersetregeling makke wurdt foar dyjingen dy't de Fryske taal net of net foldwaande machtich binne.

⁶ Berne-opfang (*kinderopvang*) en pjutteboartersplakken (*peuterspeelzalen*) wurde hjir ek oanjûn mei de term foarskoalske opfang.

⁷ Provinsje Fryslân (2007).

Berne-opfang, pjutteboartersplakken en ûnderwiis

Yn it ûnderwiis, de berne-opfang en de pjutteboartersplakken is de sizzenskip en it foech beheind en is de organisaasje faak 'op ôfstân' fan 'e gemeente set.

De berne-opfang (*kinderopvang*) wurdt yn Tytsjerksteradiel útfierd troch it partikuliere Kinderwoud BV. Mei de *Wet Kinderopvang* út 2005 is de gemeente ferantwurdlik foar it tafersjoch op 'e kwaliteit fan 'e berne-opfang. Alle opfang moat registrearre wêze. De gemeente skeakelt de GGD yn foar de kontrôle fan 'e kwaliteit.

Organisaasjes Tytsjerksteradiel	
Berne-opfang	<ul style="list-style-type: none">• Kinderwoud bv (Selsstannige organisaasje dy't ek bûten de gemeente Tytsjerksteradiel berneplakken hat)
Pjutteboartersplakken	<ul style="list-style-type: none">• Kearn (wolwêzensstichting)
Basisûnderwiis	<ul style="list-style-type: none">• stichting Openbaar Primair Onderwijs Tytsjerksteradiel (OPO)• vereniging Protestants Christelijk Basis Onderwijs Tytsjerksteradiel (PCBO)
Fuortset ûnderwiis	<ul style="list-style-type: none">• CSG Liudger• OSG Singelland

De pjutteboartersplakken (*peuterspeelzalen*) falle yn Tytsjerksteradiel ûnder wolwêzensstichting Kearn. De stichting krijt fan 'e gemeente op basis fan in budzjetkontraakt subysdzje om it pjutteboartersplakkewurk út te fieren. Fia dy subysdzjerelaasje hat de gemeente ynfloed op it belied. De stichting is wurkjouwer fan 'e groepsliedsters en jout stipe oan 'e plakken.

Yn it basisûnderwiis is it Frysk as fak wetlik ferplichte, yn it fuortset ûnderwiis allinnich yn it earste jier. It basisûnderwiis falt ûnder twa stichtingen: PCBO (kristlik) en OPO (iepenbier). It kristlik basisûnderwiis is in partikuliere stichting. OPO is it bestjoer fan it iepenbier ûnderwiis en is in selsstannige stichting dy't op ôfstân stiet fan 'e gemeente. It kristlik basisûnderwiis is wat it gemeentlik foech oanbelanget per definysje 'op ôfstân'.

It fuortset ûnderwiis - yn Tytsjerksteradiel Liudger en Singelland) - is los fan 'e gemeente organisearre. De skoallen wurde bekostige troch it Ministearje fan Underwiis. Allinnich de bekostiging fan nijbou of útwreiding fan gebouwen wurdt fia de gemeente bekostige.

1.3 Ûndersyksramt en -doel

Tusken belied en útfiering sit meastentiids in ferskil. Dêr kinne in tal oarsaken foar wêze. Earst kin it wêze dat it belied net foldwaande konkreet en helder formulearre is. It belied is dan ûnfoldwaande SMART formulearre. SMART stiet foar: Spesifyk, Mjitber, Akseptabel, Realistysk en Tiidbûn.

By de formulearring fan it belied moat fierder rekken hâlden wurde mei de (ûn)mooglikheden fan ynstruminten. In oerheid hat yn begjinsel de beskikking oer de folgjende typen ynstruminten:

- twang/regeljouwing;
- (positive en negative) prikel;
- konvenant/ôfspraken
- oertsjûgje/ynformaasje-oerdracht.

Dit is in ôfrinnende rige yn termen fan yn hoefier't belied oplein wurde kin. In 'softere' wurkwiize kin goed wêze foar draachflak, mar yn 'e praktyk te frijbliuwend wêze. In strange oanpak kin op koarte termyn resultaten opleverje, mar it draachflak beheine.

Oarsaken kinne ek lizze yn wat de *principal-agent* relaasje neamd wurdt.⁸ De *principal* is dêryn de partij dy't it belied bepaalt (gemeenterie en kolleezje). De *agent* is de partij dy't it belied yn 'e praktyk dwaan moat, bygelyks meiwurkers fan in ôfdieling of in ûnderwiisinstelling. It punt is no dat de belangen fan principal en agent net oerienkomme hoege. De agent hat eigen 'beliedsromte' en yn sekere sin in eigen 'wil' dy't de realisaasje fan doelen fan 'e principal beheine kinne. Der binne yn trochsnee ferskillen tusken wat de principal en wat de agent wol. Om ta in effisjinte en effektive útfiering te kommen, moat de principal rekken hâlde mei de belangen en it hâlden en dragen fan 'e agent.

In lêste aspekt dat meispylje kin, is dat foardat in feroaring yn (taal)gedrach berikt wurde kin, earst in feroaring nedich is yn kennis en hâlding. Kennis fan twataligens en taal(belied) is in needsaaklike betingst foar feroaring. Dêrop folgjend is de taalhâlding fan belang. In negative taalhâlding is beheinend. It giet dan om de miening en assosjaasjes fan belutsenen foar de taal en it taalbelied oer. Yn 'e taalhâlding sitte subjektive eleminten.

Doel en ûndersyksfragen

Doel fan it ûndersyk is:

it krijen fan ynsjoch yn 'e faktoaren dy't fan ynfloed binne op 'e ymplemintaasje en effektiviteit fan it taalbelied. Dat ynsjoch moat oanbefellings opleverje om fierdere ymplemintaasje en tapassing fan it Frysk taalbelied te fersterkjen.

Undersyksfragen binne:

- Wat is it hjoeddeistige taalbelied? Wat binne de doelen en ynstruminten en hokker ûnderstellingen en ferwachtings binne der oer de effektiviteit fan 'e ynstruminten?
- Wat is de (ûnderfûne) effektiviteit fan it taalbelied? Is der in (ûnderfûn) ferskil tusken belied en útfiering?
- Binne beliedsdoelen foldwaande SMART en wurkber formulearre?
- Yn hoefier binne der ferskillen yn (ynterpretaasje fan) doelen en ynstruminten tusken kolleezje en rie oan de iene kant en de amtlike organisaasje en oare útfierders fan it taalbelied oan de oare kant?
- Hokker wetlike en praktyske beheinings binne der om it taalbelied fluch en sa folslein mooglik út te fieren?
- Yn hoefier spylje (beheinde) kennis oer taal(belied) en de taalhâlding in rol by de útfiering?
- Wat hawwe útfierders nedich om te kommen ta in effektive útfiering fan it taalbelied?
- Hokker oanbefellings kinne dien wurde?

1.4 Oare stúdzjes taal(belied)

By de opset fan it ûndersyk is gebrûk makke fan eardere ûndersiken nei taalbelied. De ôfrûne jierren binne der in tal stúdzjes dien nei taalsitewaasje en taalbelied. By de opset fan 'e fragelist yn dit ûndersyk en by de ferkenning fan mooglike beheinings fan taalbelied en faktoaren dy't dêr in rol by spylje, is fan 'e resultaten fan dy ûndersiken gebrûk makke.

It algemiene byld yn 'e ûndersiken is dat it Frysk in soad brûkt wurdt. Memmetaal en wenjen/wurkjen op it plattelân binne dêrby wichtige faktoaren. De ynformaasje út 'e ûndersiken lit ek sjen dat de taalhâlding foar it Frysk oer yn it algemien posityf is. Fierder

⁸ De principal-agent teory komt út it fakgebiet fan 'e *public choice*.

komt út in tal stúdzjes dat it Frysk faker yn ynformele sitewaasjes brûkt wurdt as (systematysk) yn formele sitewaasjes.

De stúdzjes litte sjen dat taalbelied lang net oeral yn formele sin foarkomt. Taalbeliedsplannen binne der lang net altyd yn organisaasjes. Ek in dúdlike fyzje fan 'e organisaasje op it Frysk ûntbrekt faak. Dat jildt seker foar berne-opfang, pjutteboartersplakken en ûnderwiis. Gemeenten hawwe wol faker in taalbelied.

Yn 'e ûndersiken is net in soad oandacht bestege oan 'e faktoaren dy't in rol spylje by it ta stân kommen en de útfiering fan taalbelied. Dochs kin in tal faktoaren neamd wurde dy't foar dit ûndersyk relevant wêze kinne.

- **Taalhâlding**

De taalhâlding liket in wichtige faktor. De hâlding foar it Frysk oer is oer it algemien posityf te neamen, mar dat betsjut lang net altyd dat guon ek aktyf binne mei taalbelied. Der binne oanwizings dat de positive hâlding it Frysk yn it algemien oangiet, mar as it om konkrete maatregels giet rjochte op befoarderding fan it brûken fan Frysk, dan wurdt de hâlding minder posityf.

- **Kennis**

Minsken binne net altyd goed op 'e hichte fan aspekten fan twataligens. Kennis en ynformaasje spylje dan in positive rol. It meinimmen fan it Frysk yn in breder ramt fan meartaligens hat dan de foarkar.

- **Formele en ynformele sitewaasjes**

Frysk wurdt faker en makliker brûkt yn ynformele sitewaasjes. Blykber is belied rjochte op formele sitewaasjes lestiger yn te fieren.

- **Behearsking fan it Frysk**

Der is in ferskil yn behearsking fan Frysk sprekken, ferstean, lêzen en skriuwen. Benammen skriuwen wurdt dúdlik minder behearske. Belied rjochte op skriuwen is folle dreger yn te fieren as belied dat allinnich behearsking fan praten en ferstean easket.

1.5 Ferantwurdig en oanpak

Dit ûndersyk is útfierd yn 'e neikommende stappen.

- **Beskriuwing fan it taalbelied**
- **Enkête gemeentlike meiwurkers, groepslieding en dosinten**
- **Analyze fan it taalbelied:**
 - beliedskundige analyze (1): SMART;
 - beliedskundige analyze (2): typearring maatregels;
 - fragelist managers: doelen, beliedsplannen en evaluaasjes;
 - gemeentlike evaluaasje Utfieringsplan Frysk yn ús gemeentlike organisaasje;
 - ynterviews.

Beskriuwing fan it taalbelied

Yn dit ûndersyk is neier besjoen wat de konkrete, útstelde maatregels binne fan 'e gemeente Tytsjerksteradiel en hoe't dy yn 'e praktyk útfierd binne. Der is besjoen wat it belied konkreet ynhâldt op 'e fjilden dy't yn dit ûndersyk sintraal stean: gemeentlike organisaasje, ûnderwiis en foarskoalske opfang.

Yn dit ûndersyk is foaral sjoen nei it belied yn 'e lêste jierren. It gemeentlik taalbelied fan Tytsjerksteradiel fan 'e lêste jierren is fêstlein yn in tal nota's en dokuminten. Dy foarmje de basis foar de analyse. Dêrneist is mei de direkt belutsen beliedsmeiwurkers in ynterview hâlden oer de stân fan saken yn 'e útfiering fan it belied.

De relevante beliedsnota's en -dokuminten foar it hjoeddeistige taalbelied binne:

- Beliedsplan Frysk 2003-2008 'Frysk Fitaal' (maaie 2004);
- Notysje Frysk Fitaal II (jannewaris 2007);
- Utfieringsplan Frysk yn ús gemeentlike organisaasje (maaie 2007);
- Yntinsjeferkearring Frysk taalbelied (novimber 2006);
- Oardening Frysk yn it skriftlik ferkear (maaie 2001).

Enkête gemeentlike meiwurkers, groepsliding en dosinten

Om mear te witten te kommen oer de praktyk fan it brûken fan it Frysk en faktoaren dy't dêryn in rol spylje, is in enkête hâlden. De enkête is hâlden ûnder in tal ferskillende groepen dy't direkt of yndirekt mei it taalbelied Frysk fan 'e gemeente te krijen ha. Der is foar keazen om de enkête te hâlden ûnder persoanen dy't yn it reguliere wurk te krijen ha mei it Frysk of útfiering fan taalbelied Frysk, yn 'e sektoaren dy't ûnderwerp fan it ûndersyk binne:

- meiwurkers fan 'e gemeente;
- dosinten basisskoallen;
- dosinten skoallen fuortset ûnderwiis;
- groepslidsters bernedeiferbliuwen en pjutteboartersplakken.

Alle fjouwer groepen hawwe yn begjinsel deselde fragelist krigen. Tema's yn 'e fragelisten binne:

- taaleftergrûn (memmetaal, taalbehearsking respondinten);
- kennis en maatregels fan taalbelied;
- taalgebrûk yn bepaalde sitewaasjes en yn kontakten;
- miening oer taal en taalgebrûk.

Dêrnjonken binne foar statistyske ferwurking inkele demografyske skaaimerken frege (leeftiid, geslacht, ensfh.) By alle tema's is, dêr't dat mooglik wie, frege nei kennis of bekendheid mei belied en maatregels, nei de taalhâlding, en nei it feitlik taalgedrach yn bepaalde sitewaasjes. Foar de ferskillende groepen binne de fragelisten op ûnderdielen oanpast oan harren spesifike wurksitewaasje. Yn 'e fragelist foar meiwurkers fan 'e gemeente is wat wiidweidiger yngien op gemeente-ynterne maatregels fan it taalbelied. Dy fragelist wie dêrtroch krekt wat langer.

De fragelist is safolle mooglik mei sletten fragen opsteld (*multiple choice*). By in tal fragen wie romte om spesifike saken ta te ljochtsjen. Oan de ein is in foar in part iepen fraach steld nei ferbetteringen of oanbefellings foar taalbelied. De fragelist is om praktyske redenen allinnich yn it Nederlânsk opsteld. Ut ûnderfinings yn oar ûndersyk docht bliken dat by in dûbeltalige fragelist, de respons op 'e Frysktalige fragelist net heech is.

Foar de measte groepen is in skriftlike fragelist brûkt. Foar de gemeentlike meiwurkers is in e-enkête (elektroanyske enkête) brûkt. De reden dêrfoar is dat op dy wize de fersprieding en ferwurking effisjint dien wurde koe. De e-enkête koe hâlden wurde omdat fan it grutste part fan 'e gemeentlike meiwurkers in e-mailadres beskikber wie. Sy hawwe allegear in e-mail krigen mei in ferwizing (*link*) nei de e-enkête. Foar de gemeentlike meiwurkers dy't net oer in (direkt) e-mailadres beskikken, is in skriftlike ferzje brûkt. It giet dêrby foaral om meiwurkers 'bûtentsjinst', lykas meiwurkers fan 'e brânwar en de

ôfdieling sport. De skriftlike enkête is begjin april ferspraat. De e-enkête hat fan 2 april oant en mei 20 april *on line* west. (In ferantwurdig fan 'e respons stiet yn haadstik 3.)

Analyze fan it taalbelied

De tredde stap yn it ûndersyk is de eigentlike analyze fan it taalbelied. Dat is op ferskillende wizen oanpakt.

Beliedskundige analyze (1): SMART

Njonken de beskriuwing fan it taalbelied is in analyze makke op in tal aspekten. De basis dêrfoar binne in tal konsepten út de beliedskunde. Earst is it belied derop beoardiele yn hoefier't doelen en oanpak fan it belied SMART (Spesifyk, Mjitber, Akseptabel, Realistysk en Tiidbûn) formulearre binne.

Beliedskundige analyze (2): typearring maatregels

Dêrneist is besjoen wat it karakter fan 'e maatregels is. Giet it om twang/regels, positive of negative prikkels, ôfspraken, of oertsjûgjen/ynformaasje?

Fragelist managers: doelen, beliedsplannen en evaluaasjes

By managers binnen de gemeente en by ynstellings foar (foarskoalsk) ûnderwiis is frege nei beliedsdoelen, beliedsplannen en de wurkwize by evaluaasjes.

Gemeentlike evaluaasje Útfieringsplan Frysk yn ús gemeentlike organisaasje

Hast tagelyk mei dit ûndersyk hat binnen de gemeente in eigen, ynterne evaluaasje plakfûn fan it Utfieringsplan Frysk fan 'e gemeente. De resultaten fan dy evaluaasje binne yn dit ûndersyk yntegraal meinommen.⁹

Ynterviews

In lêste boarne fan 'e analyze binne ynterviews mei direkt belutsenen. Yn 'e ynterviews is frege nei de miening en it oardiel fan 'e belutsenen oer de doelen en effektiviteit fan it taalbelied Frysk, en oer de útfiering yn 'e praktyk fan it belied en de eventuele beheiningen en tûkelteammen. Ek is frege nei eventuele ferbetterings. Yn 'e ynterviews binne de resultaten fan 'e enkête en de eardere analyze fan it belied toetst.

1.6 Lês wizer

Yn 'e opbou fan dit rapport wurde de opienfolgjende stappen fan it ûndersyk folge. Yn haadstik 2 stiet in beskriuwing fan it taalbelied. De resultaten fan 'e enkête stean yn haadstik 3. Dêrnei komt de beliedsanalyze oan 'e oarder (haadstik 4). Yn haadstik 5 stean de konklúzjes yn 'e foarm fan befiningen en de oanbefellings. Detailynformaasje stiet yn 'e taheakken.

Yn dit ûndersyk wurdt fierder de term foarskoalske opfang brûkt foar de berne-opfang (*kinderopvang*) en pjutteboartersplakken (*peuterspeelzalen*).

⁹ Evaluaasjeferslach (2009).

2 BESKRIUWING FAN IT GEMEENTLIK TAALBELIED

2.1 Ramt en doel

Sintraal yn it belied fan 'e lêste jierren stean de beliedsdokuminten Frysk Fitaal II, it Utfieringsplan Frysk en de yntinsjeferklarring. Frysk Fitaal II is de opfolger fan it eardere beliedsplan Frysk Fitaal ('Frysk Fitaal I'). Yn Frysk Fitaal II is de stân fan saken fan Frysk Fitaal I evaluearre en binne maatregels en oanpak oanpast. De doelen en útgongspunten fan it belied binne lykwols net feroare.¹⁰ Frysk Fitaal II wie in evaluaasje en tagelyk bedoeld as oansluting op it nije kolleezjeprogram. It idee doedestiids wie dat der in ekstra ynspanning nedich wie om de doelen te realisearjen.

It taalbelied is wat yntern gemeentlike saken oanbelanget, konkreet oanjûn yn it 'Utfieringsplan Frysk yn ús gemeentlike organisaasje'. Dat útfieringsplan kin sjoen wurde as in konkretisearring fan it taalbelied rjochte op 'e gemeentlike meiwurkers.

De yntinsjeferklarring mei de provinsje en oare gemeenten regelt foaral it skriftlik ferkear tusken de belutsen partijen. Dêryn is it sribjen formulearre om te kommen ta mear skriftlike korrespondinsje en stikken. Konkreet binne ôfspraken opnommen oer it brûken fan it Frysk yn it ûnderling skriftlik ferkear tusken de belutsen partijen, en yn offisjele stikken as fergunnings, brieven en beliedsnota's. De doelen út 'e yntinsjeferklarring lizze yn 'e line fan 'e doelen fan Frysk Fitaal.

As lêste kin noch de feroardering Frysk yn it skriftlik ferkear neamd wurde. Dat is in útwurking fan 'e wetlike taak om oersettingen fan stikken en korrespondinsje mooglik te meitsjen foar de boarger. Dy taak folget út de *Algemene wet bestuursrecht*. It is in spesifike regeling oer it skriftlik ferkear tusken boarger en oerheid, en kin ek sjoen wurde as in part fan Frysk Fitaal.

Doel en útgongspunten taalbelied algemien

Yn Frysk Fitaal wurdt it doel fan it taalbelied Frysk omskreaun as it fergrutsjen fan it draachflak foar it brûken fan it Frysk yn it mienskiplik libben.¹¹ As sintrale fraach is formulearre: hoe't it Frysk en it Nederlânsk konsekwint op in noflikke en oansprekkende manier njonken inoar brûkt wurde kinne yn 'e gemeente. De doelstelling is boppedat twaliddich: it giet om it brûken fan it Frysk njonken it Nederlânsk *en* om it fergrutsjen fan draachflak.

Foar it belied binne twa útgongspunten formulearre. Earst is dat twataligens: ôf allinnich Nederlânsk ôf allinnich Frysk.¹² Dit útgongspunt is oars as dûbeltaligens, wêrby't alle dokuminten skreaun wurde yn it Nederlânsk en it Frysk. Twads is dat de taal linich en posityf tapast wurde moat: Frysk dêr't it kin, Nederlânsk dêr't it moat.¹³ Mei dizze twa oanfollingen wurdt de doelstelling fan it belied fierder ôfbeakene en spesifisearre.

It haaddoel fan it gemeentlik taalbelied is fierder útwurke en konkretisearre per beliedsfjild. It giet om gemeentlike organisaasje (foarljochting, nammejouwing,

¹⁰ Sjoch Frysk Fitaal II (2007), s. 1.

¹¹ Sjoch it beliedsplan Frysk 2003-2008 Frysk Fitaal út 2004, s. 2 ('Samenvatting') en s. 4. It beliedsdoel is op 'e nij befêstige yn 'e notysje 'Frysk Fitaal II' fan jannewaris 2007.

¹² Dit útgongspunt is fêststeld troch de gemeenterie yn 1982 (Frysk Fitaal, 2004, s. 4).

¹³ Dit útgongspunt is formulearre yn Frysk Fitaal II (2007).

personielsbelied, Frysktalige tydskriften), ûnderwiis, rjochterlike autoriteiten, media, kulturele aktiviteiten en foarsjennings, en ekonomysk en sosjaal libben.¹⁴ Yn termen fan tal maatregels nimme foaral de gemeentlike organisaasje en it ûnderwiis en de foarskoalske opfang in wichtich plak yn.

2.2 Taalbelied gemeentlike organisaasje

Doel

Wat de gemeentlike organisaasje oanbelanget, binne de folgjende doelen formulearre:

- it útfiering jaan oan twataligens yn it ramt fan 'e wiziging fan 'e Awb (1995); dat giet oer (it regeljen fan) oersetmooglikheden foar boargers en twatalige notulen fan 'e gemeenterie neffens it útgongspunt dat wat yn it Frysk sein wurdt, ek yn it Frysk notulearre wurde moat; yn Frysk Fitaal (2004) is dat ek formulearre as it doel dat der soarchfâldich omgean wurde moat mei de twataligens;¹⁵
- it befoarderjen fan it brûken fan it Frysk yn it ûnderlinge skriftlik ferkear tusken gemeenten en mei de provinsje, en yn offisjele stikken as fergunnings, brieven en beliedsnota's, yn it ramt fan de Yntinsjeferkearring Frysk taalbelied;¹⁶ it stribjen is te kommen ta 25% Fryske stikken;
- it befoarderjen fan sawol it mûnling as it skriftlik brûken fan it Frysk troch amtners; de doelstelling is te kommen ta 25% Fryske korrespondinsje;
- by de gemeentlike baly kin wa't dat wend is yn it Frysk te wurd stien wurde;
- it Frysk is sichtber:
 - yn of by gemeentlike eigendommen;
 - op 'e gemeentlike webside;
 - yn ynterne en eksterne kommunikaasje (personielsblêd, tydskiften, meidielings).

Oanpak

Yn 'e beliedsnotysjes is in dúdlike taak fêststeld foar de ôfdielingshaden en direksje. De ôfdielingsmanagers en de direksje moatte it skriuwen fan Fryske brieven stimulearje, binne ferantwurdlik foar de útfiering fan Frysk Fitaal en sjogge derop ta dat dat ek plakfint.¹⁷ Sy stimulearje ek it folgjen fan kursussen; de mooglikheid om kursussen te folgjen wurdt meinommen yn ôfdielingspetearen en yn pop-petearen.¹⁸ It managementteam moat ien en oar ek útdrage.¹⁹

Op it mêd fan gemeentlike aktiviteiten en iepenbiere tsjinstferliening binne in tal maatregels opsteld. De maatregels by de gemeente kinne ûnderskieden wurde yn in tal 'fjilden':

- bestjoerlik;
- personielsbelied;
- 'op 'e wurkflier';
- sichtberens.

¹⁴ Yn Frysk Fitaal (2004) wurde ek ynternasjonale kontakten neamd as beliedsfjild. Yn Frysk Fitaal II is dit tema loslitten.

¹⁵ Frysk Fitaal (2004), s. 11.

¹⁶ Yntinsjeferkearring (2006).

¹⁷ Utfieringsplan (2007), s. 3.

¹⁸ Utfieringsplan (2007), s. 4.

¹⁹ Utfieringsplan (2007), s. 4.

Bestjoerlik

Op it bestjoerlik fjild binne in tal maatregels. De earste is dat de notulen of beslutelisten yn it Frysk binne. Dêrmei ferbûn is der in funksje-eask Frysk foar de notulist fan 'e gemeenterie.

De twadde maatregel is dat neffens de yntinsjeferklearring mei de provinsje en in tal oare gemeenten der ûnder elkoar sa folle mooglik yn it Frysk korrespondearre wurdt en dat bestjoerlike brieven nei oare oerheden altyd yn it Frysk binne.²⁰ Ek rapporten en beliedsnota's moatte safolle mooglik yn it Frysk of yn alle gefallen mei in Fryske gearfetting skreaun wurde. Stikken foar gearkomsten fan 'e rie, lykas aginda's en foarblêden, moatte yn it Frysk.

Yn maaie 2001 hat de gemeenterie fan Tytsjerksteradiel de regeling Frysk yn it skriftlik ferkear fêststeld. Dy feroardering regelet de mooglikheden fan it oersetten Frysk-Nederlânsk, ynklusyf in taryfregeling.

Personielsbelied

Op it mêd fan personielsbelied wurde kwaliteitseasken Frysk steld oan it personiel. It giet benammen om balymeiwurkers, meiwurkers kommunikaasje, de doarpenkoördinator, de amtner Frysk en de griffy. By balymeiwurkers giet it benammen om it ferstean. De behearsking fan it praten krijt neffens de beliedsnotysjes 'omtinken' by nije sollistanten foar balyfunksjes.²¹

By de oare (belieds)meiwurkers jildt dat by de oanstelling it behearskjen fan it Frysk de trochslach jout yn it gefal fan likense gaadlikens fan kandidaten. Foar alle meiwurkers jildt dat in positive hâlding foar it Frysk oer ferwachte wurdt, en dat sy oan it gemeentlik taalbelied meiwurkje. Dêrfoar moat it Frysk - ek by meiwurkers dy't net in publyksfunksje hawwe - op syn minst passyf behearske wurde.

Utgangspunt is dat der safolle mooglik gebrûk makke wurdt fan 'e taalkompetinsjes fan 'e eigen meiwurkers. Dy kompetinsjes moatte dan wol op nivo wêze. It belied is derop rjochte dat it folgjen fan in kursus Frysk stimulearre wurdt. Meiwurkers dy't in eksamen helje wurde ienkear ekstra beleanne.²² Underdiel fan it belied is fierder dat de mooglikheid om kursussen te folgjen yn funksjonearrings-/pop-petearen meinommen wurdt.²³ Ek taalhâlding en taalgedrach soenen neffens de beliedsformulearring in fêst punt wêze moatte fan funksjonearrings-/pop-petearen.

Personielsadvertinsjes yn Fryske media moatte yn it Frysk; bûten Fryslân yn it Nederlânsk. Sy wurde op 'e webside dûbeltalich pleatst.²⁴

'Op 'e wurkflier'

It belied is derop rjochte dat meiwurkers gebrûk meitsje kinne fan helpmiddels foar it Frysk. De Fryske Taalhelp (*spellingschecker*) moat yn in tal stappen op 'e kompjûters fan 'e meiwurkers ynstallearre wurde. De neisjochtsjinst fan 'e Afûk kin brûkt wurde fia de provinsjale subsydzjeregelings. Der wurde standertbrieven, advysformulieren ensfh. yn it Frysk beskikber makke.

Der moat mear skriftlik gebrûk makke wurde fan it Frysk yn notysjes en rapporten (of in Fryske gearfetting tafoege wurde). Dêr is in positive prikel foar yn 'e foarm dat meiwurkers dy't mear as 15 Frysktalige stikken meitsje, in gratifikaasje krije.²⁵ It belied by brieven is taalfolgjend: Frysktalige brieven dy't by de gemeente ynkomme, wurde yn it Frysk beäntwurde.

²⁰ Jildt ek foar de Ferienings fan Doarpsbelangen (Utfieringsplan, 2007, s. 2).

²¹ Utfieringsplan (2007), s. 3.

²² Mei 250 euro netto.

²³ Pop stiet foar *persoonlijk ontwikkelingsplan*.

²⁴ Evaluaasjeferslach (2009), s. 5.

²⁵ Fan 70 euro netto.

Sichtberens

Yntern by de gemeente wurde yn 'e ynterne kommunikaasje (fia 'Sizztus') geregeld Fryske bydragen en ynformaasje oer it taalbelied opnommen. Yn it Sosjaal Jierferslach soe ek oanjûn wurde moatte hoefier't it mei it Frysk taalbelied is. Der binne abonneminten op Fryske tydskriften dy't rûlearje binnen de gemeente.

It belied is derop rjochte dat de bebuording yn it gemeentehûs konsekwint Frysktalich is, foar safier't dat foar elkenien dúdlik genôch is. By de baly moat oanjûn wurde dat de meiwurkers fan 'e gemeente it Frysk passyf yn 'e macht hawwe.

De webside is lykas it algemiene belied yn begjinsel twatalich. Gemeentlike ynformaasje soe ek yn prinsipe yn it Frysk op 'e webside moatte. Gemeentlike ynformaasje komt ek yn it Frysk yn 'Actief' (hûs-oan-hûs wykkrante yn sintraal Fryslân). Ynformaasje oer it taalbelied moat yn 'e gemeentegids.

Foar gemeentlike eigendommen jildt dat nammen Frysktalich binne, foarsafier't dat foar elkenien dúdlik genôch is. Op dit stuit wurdt wurke oan Fryske wetternammen. Foar Fryske plak- en strjitnammen hat yn it ferline al belied west.

2.3 Taalbelied foarskoalske opfang en ûnderwiis

Doel

Foar it ûnderwiis is de algemiene doelstelling om alle learlingen ta te rieden op it funksjonearjen yn in twatalige Frysk-Nederlânske maatskippij.²⁶ Dêrmei wurdt oansletten by it haaddoel fan it njonken inoar brûken fan Frysk en Nederlânsk. Foar de ferskate ûnderwiisfoarmen binne yn Frysk Fitaal I spesifike (sub)doelen formulearre. Nei dy tiid binne de foarskoalske opfang en it ûnderwiis bestjoerlik (fierder) op ôfstân set. De gemeente hat dat yn Frysk Fitaal II ferwurke, mar giet yn dy notysje noch wol út fan 'e útgongspunten fan 'e eardere notysje.

Foar de foarskoalske opfang binne yn Frysk Fitaal I de neikommende konkrete doelen formulearre:

- der is in goede psychologyske en pedagogysk-didaktyske opfang fan pjutten yn 'e eigen memmetaal;
- pjutten wurde boartsjendewei ek yn oanrekkning brocht mei de oare taal;
- pjutteliedsters binne adekwaat oplaet en twatalich.

De earste twa konkrete doelen binne nochris oanjûn yn 'e *Notitie Peuterspeelzaalwerk* út juny 2007.²⁷ Wat de berne-opfang oanbelanget wurdt yn Frysk Fitaal II allinnich wat sein oer subsydzjes op Frysktalich materiaal; der wurdt konstataarre dat de berne-opfang noch net gebrûk makke hat fan dy foarsjening.²⁸

Foar it basisûnderwiis binne yn Frysk Fitaal I de neikommende doelen formulearre:

- it heljen fan 'e kearndoelen Frysk;
- it fieren fan in aktyf taalbelied yn dy sin dat der ôfspraken makke wurde - yn it skoalleplan - oer it brûken fan it Frysk en it Nederlânsk;
- learkrêften binne adekwaat oplaet en twatalich.

Yn it ûnderwiisplan fan 'e gemeente wurdt it Frysk ek neamd, mar dan yn it ramt fan doelen fan algemiene taalûntwikkeling fan bern.²⁹

²⁶ Frysk Fitaal (2004), s. 5.

²⁷ Doelen en oanpak binne oernommen út Frysk Fitaal II. Sjoch *Notitie Peuterspeelzaalwerk* (2007), s. 6-7.

²⁸ Frysk Fitaal (2007), s. 1.

²⁹ *Onderwijs Totaalplan Tytsjerksteradiel* (2006), s. 15.

Yn Frysk Fitaal I binne foar it fuortset ûnderwiis de neikommende doelen formulearre:

- skoallen foar fuortset ûnderwiis yn 'e gemeente Tytsjerksteradiel biede it Frysk oan as eksamenfak en wurde stimulearre om it Frysk te brûken as ynstruksjetaal foar oare fakken;
- stimulearjen taalbelied oangeande it Nederlânsk en it Frysk yn skoalleplannen;
- bern yn oanreking bringe mei Frysk kulturele uterings;
- learkrêften binne adekwaat oplaat en twatalich;
- der is in tal eksamenkandidaten Frysk.

Yn Frysk Fitaal II wurdt oanjûn dat it fuortset ûnderwiis op ôfstân stiet en dat de Underwiisynspeksje it tafersjoch op it Frysk hat. De doelen wurde net fierder útwurke. De gemeentlike rol is neffens Frysk Fitaal II feitlik beheind.

Oanpak

Gemeentlike maatregels foar berne-opfang en pjutteboartersplakken yn 'e beliedsnotysjes binne:³⁰

- inisearjen en stimulearjen fan it opnimmen fan kwaliteitseasken yn 'e Oardering Berne-opfang en Pjutteboartersplakken oer it brûken fan it Frysk en it omtinken foar de twataligens yn 'e opfieding;
- inisearjen en stimulearjen fan it meidwaan oan aktiviteiten fan 'e Feriening Frysktalige Berne Opfang;
- budzjet foar byskoalling en kursussen foar lieding;
- fan meiwurkers yn 'e berne-opfang wurdt ferwachte dat sy har fierder talizze op 'e eigen taalfeardigens en har oriïntearje op it stik fan psychologyske en pedagogysk-didaktyske aspekten fan twataligens;
- der is budzjet foar Frysktalich materiaal (op jierbasis sa'n 1.000 euro foar lesmateriaal foar de berne-opfang en 2.000 euro foar de pjutteboartersplakken; sirka 150 euro it jier de lokaasje);
- stimulearjen fan it brûken fan Tomke; der is budzjet foar it Tomkeprojekt (1.560 euro it jier);
- omtinken foar it Frysk by bestjoerlik oerlis fan gemeente mei pjutteboartersplakken.

Yn Frysk Fitaal I binne in tal maatregels foar it Frysk yn it basisûnderwiis neamd. It giet ûnder oaren om:

- finansjele stipe (fan kursussen, en oanskaf fan Frysktalich materiaal en metoades);
- learkrêften moatte in kursus Frysk folge hawwe of ree wêze om oan dizze eask te foldwaan;
- yn it skoalleplan moat in paragraaf opnommen wurde oer Fryske-taalbelied.

Yn Frysk Fitaal II wurdt konkludearre dat it iepenbier basisûnderwiis bestjoerlik op ôfstân set is en dat de gemeente net folle ynfloed hat op 'e gong fan saken oangeande it Frysk. Foar it bysûnder ûnderwiis wie dy sitewaasje al sa. Der wurdt ek konstataarre dat der grutte ferskillen binne tusken skoallen. Yn Frysk Fitaal II wurde de maatregels beheind ta:

- oerlis yn it Platform Underwiis;
- hifkje by it ûnderwiis wat de rol fan 'e gemeente wêze kin;
- sa nedich, oanfoljend op 'e provinsjale subsydzje, finansjele stipe foar neiskoalling, oanskaf ekstra materiaal ensfh.

Dêrneist is fan 'e programmabegrutting fan 2008 ôf in bedrach opnommen foar oanskaf fan 'e metoade studio F.³¹

³⁰ De maatregels binne ek nochris oanjûn yn 'e Notitie Peuterspeelzaalwerk út juny 2007.

De gemeente wie belutsen by it projekt Frysk yn it fuortset ûnderwiis. No is dat net mear sa en is it Frysk yn it fuortset ûnderwiis in saak fan 'e skoallen en de provinsje.³² Yn Frysk Fitaal II wurde as maatregels neamd:

- yn it Platform Underwiis de gemeentlike yntinsjes oan 'e oarder stelle;
- yn kaart bringe litte wêr't de swierrichheden lizze en it fuortset ûnderwiis oanjaan litte wêr't de gemeente mooglik stypje kin.

³¹ It giet om 5.000 euro it jier (Programmabegroting 2008-2011, s. 46).

³² De gemeente hat finansjeel meidien yn it projekt Frysk yn it fuortset ûnderwiis. De provinsje hat de bekostiging oernommen (foar 50%). Neist it projekt wurde yn Frysk Fitaal I de folgjende maatregels foar it fuortset ûnderwiis neamd: yn it skoalleplan moat in paragraaf opnommen wurde oer Fryske-taalbelied, dêr't út dúdlik wurdt hokker plak it Frysk yn skoalle hat en krije sil, en der kin gebrûk makke wurde fan ICT om it Frysk te learen. Beide maatregels binne net yn 'e praktyk útfierd.

3 RESULTATEN ENKETE

3.1 Ynlieding

Yn dit haadstik wurde de resultaten fan 'e enkête presintearre.³³ Earst wurdt yngongen op 'e respons en de *representativiteit* fan 'e enkête. Dêrnei komme de neikommende ûnderwerpen oan de oarder:

- kennis fan taalbelied;
- konkrete maatregels;
- taalgebrûk yn 'e praktyk;
- taalhâlding;
- beheinings en ferbetteringen.

Yn 'e tabellen en figueren wurdt faak it Nederlânsk brûkt. Dat hat te krijen mei de fragelist dy't ek yn it Nederlânsk wie. Foar de krektens is dat yn 'e tabellen en figueren oanhâlden.

3.2 Ferantwurding enkête en respons

Oanpak en fersprieding

Foardat de enkête ferspraat is, hat der in fersyk om meiwurking west by de foarskoalske opfang en it ûnderwiis. Oer de e-mail en telefoanysk is kontakt opnommen mei: direksjes fan 'e twa skoallen foar fuortset ûnderwiis, de sintrale buro's fan it iepenbier en kristlik ûnderwiis, de organisaasje foar berne-opfang en de wolwêzensynstelling yn Tytsjerksteradiel. As meiwurking tasein waard, binne dêrnei de fragelisten ferspraat. De fragelisten binne safolle mooglik op lokaasje bylâns brocht, ynklusyf in taljochting en antwurdsluven. It wie dan in taak fan 'e belutsen kontaktpersoan om de fragelisten fierder te fersprieden ûnder dosinten en groepsliedsters. Omdat de meiwurking fan it kristlik basisûnderwiis en fan 'e pjutteboartersplakken wat letter tasein waard, binne de fragelisten ek wat letter nei dy lokaasjes brocht. By de pjutteboartersplakken hat it management sels in e-mail omstjoerd mei in oankundiging fan it ûndersyk. In lyts part fan 'e fragelisten is om praktyske redenen oer de post ferstjoerd.

Nei de ôfdielingshaden binnen de gemeente is yn in brief in oankundiging fan it ûndersyk ferstjoerd. De enkête is dêrnei ferspraat troch de gemeentlike meiwurkers in e-mail te stjoeren mei in koarte taljochting op it ûndersyk en de *link* foar de e-enkête. By de bûtentsjinsten is de skriftlike fragelist ferspraat.

Op twa mominten binne responsferheegjende aksjes ûndernommen. De respons fan 'e pjutteboartersplakken kaam wat letter op gong. Dat hat wierskynlik te meitsjen mei de beheinde iepeningstiden. In part fan 'e pjutteboartersplakken is mar in pear deidielen iepen, sadat antwurdzjen net direkt plakfine koe. Dêrom is noch in e-mail ferstjoerd wêryn't de termyn om te antwurdzjen mei in tal dagen ferlinge is. De twadde responsferheegjende aksje hat te krijen mei de e-enkête. Nettsjinsteande dat de earste respons op 'e e-enkête aardich goed wie, is der noch in twadde e-mail mei wer de *link* ferstjoerd. Typysk foar in e-enkête is dat de respons foar it grutste part hiel direkt is. By in skriftlike enkête komt de respons meastentiids mear ferspraat binnen. De twadde e-mail hat noch in tal reaksjes opsmiten.

³³ Yn 'e tabellen en figueren binne faak de fragen út de fragelist yn it Nederlânsk opnommen.

Respons

Foarôf wie de ferwachting dat de respons tusken de 30% en 40% komme soe. Dy ferwachting wie basearre op ûnderfinings yn oar taalûndersyk en mei sosjaal-wittenskiplik ûndersyk yn it algemien.

De respons is presintearre yn 'e tabel.

Tabel 3.1: Respons neffens ûnderskate groepen

Doelgroep	Respons	Undersyks- populaasje	Respons
	<i>absolút</i>	<i>absolút</i>	<i>persintaazje</i>
Gemeente e-enkête	128	232*	55%
Gemeente skriftlik 'bûtentsjinsten'	14	111*	13%
Fuortset ûnderwiis	40	68*	57%
Basisûnderwiis	84	225**	37%
Foarskoalske opfang	36	94*	37%
Totaal	302	619	47%

* Opjefte ynstellings.

** Skatting: it werklike eksakte tal dosinten wykt hjir mooglik in bytsje fan ôf.

Boarne: BBO

It algemiene responsersintaazje is 47%. Dat is ferlike mei de ferwachtingen goed te neamen.

Yn it persintaazje is de skriftlike enkête ûnder bûtentsjinsten net meinommen. Der liket by dat part fan 'e enkête wat ôfwikends oan 'e hân te wêzen: de respons is dêr opfallend leech (13%). Wat meispylje kin, is dat de brânwarfrijwilligers net goed berikt binne. In oanwizing dêrfoar is dat fan 'e 45 persoanen by de brânwar mar ien reagearre hat. Ek kin meispylje dat in persoanlik foarfal, dat krekt yn 'e wiken fan 'e enkête barde, de oandacht fan 'e persoanen dy't by de bûtentsjinst wurkje opslokt hat. En noch meispylje kin dat yn it algemien persoanen dy't by de bûtentsjinst wurkje minder op skriftlik ferkear en minder op ûndersyk rjochte binne.

Foaral de respons ûnder gemeentlike meiwurkers fia de e-enkête is heech (mear as de helte fan dy groep hat reagearre). Dizze wurkwize hat blykber goed wurke. De respons yn it fuortset ûnderwiis is ek heech. Foaral ien skoalle hat in hege respons.³⁴ De respons yn it basisûnderwiis en de foarskoalske opfang is in stik leger, mar noch hieltyd yn 'e buert fan 'e ferwachtings. Yn absolute tallen binne de respons fan 'e foarskoalske opfang en it fuortset ûnderwiis leech. Dat kin betsjutte dat útspraken foar dy groepen ôfsûnderlik minder betrouber binne.

Skaaimerken: leeftiid, geslacht en wenplak

Fan 'e respondinten is wat minder as 15% jonger as 30 jier. Foaral yn 'e foarskoalske opfang is de jongere leeftiidskategory goed fertsjinwurdige (goed in fjirdepart - 25%), wat gearhinget mei de leeftiidsopbou fan it persoanlik. De helte fan 'e respondinten is tusken

³⁴ Fan dy skoalle binne de fragelisten pas letter *retour* kaam, wat ynhâlde kin dat de fersprieding binnen de skoalle pas letter - flak foar de fakânsjedagen nei 24 april - plakfûn hat. Dat hat blykber dochs in posityf effekt op 'e respons hân.

de 30 en 50 jier. 35% is tusken de 50 en 65. Foaral by it basisûnderwiis hawwe in soad dosinten fan âlder as 50 reagearre. Ek dat kin in wjerslach wêze fan 'e leeftiidsopbou fan it persoanel, mar hielendal wis is dat net.³⁵


Froulju binne oerfertsjinwurdige yn 'e respons: 69% is frou. Hjir is in grut ferskil tusken de gemeente, dêr't krekt minder as 30% frou is, en it ûnderwiis dêr't likernôch 60% frou is. Fan 'e respondenten út de foarskoalske opfang is sels 100% frou. Dizze ferhâldingen wjerspegelje wierskynlik aardich goed de frou-man ferhâlding by it totale persoanel.

Goed de helte fan 'e respondenten wennet yn 'e gemeente Tytsjerksteradiel. Hast in fjirdepart wennet yn Ljouwert of in oare Fryske stêd. Goed in fyfde wennet yn in oar plak yn Fryslân. Hast 5% wennet bûten Fryslân, dêr't fan oan te nimmen is dat dat foaral Grinslân wêze sil. Foaral dosinten yn it fuortset ûnderwiis dy't meidien hawwe mei de enkête wenje relatyf faak (15%) bûten Fryslân. Respondinten dy't wurkje yn 'e foarskoalske opfang wenje relatyf faak yn 'e gemeente Tytsjerksteradiel. Foar dit ûndersyk is relevant oft minsken út in Frysktalige wenomjouwing komme of net. In manier om dat út te sykjen is om te sjen hoefolle persoanen yn plattelânsgemeenten yn Fryslân wenje.³⁶ Dan falt foaral it fuortset ûnderwiis op. Fan 'e respondenten yn it fuortset ûnderwiis wennet hast twa tredde yn in stêd of bûten Fryslân. By de gemeente wennet trije fjirde op it Fryske plattelân; by de foarskoalske opfang en it basisûnderwiis is dat hast 85%.

Taaleftergrûn

Fan 'e respondenten fan 'e enkête binne gegevens beskikber oer harren taaleftergrûn.

Figuer 3.1: Memmetaal*



* Sjoch de taheakke foar de eksakte sifers en de respons per sektor. In bûtenlânske memmetaal komt hast net foar.

Boarne: BBO, provinsje Fryslân

³⁵ It soe betsjutte dat it persoanel yn it basisûnderwiis aardich 'fergrize' is.


³⁶ As plattelânsgemeenten wurde dan alle plakken nommen, útsein Ljouwert, Drachten, Dokkum, Snits, It Hearrenfean, Harns, Frjentsjer en Boalsert.

Wat de memmetaal oanbelanget is oer it gehiel it byld by de meiwurkers fan gemeente, berne-opfang en skoallen yn Tytsjerksteradiel net oars as by de ynwenners fan 'e gemeente of fan Fryslân. Sa'n 60-70% hat it Frysk as memmetaal.

Der binne lykwols twa groepen dy't der wat útspringe. De dosinten yn it basisûnderwiis hawwe faker it Frysk as memmetaal. Sy komme blykber faker út de eigen regio. De dosinten yn it fuortset ûnderwiis hawwe folle mear it Nederlânsk as memmetaal; sy komme ek mear fan bûten de Frysktalige regio. Dat kin gefolgen ha foar de taalbehearsking, it brûken fan 'e Fryske taal en de taalhâlding.

Ek by de taalbehearsking is it byld oer it gehiel gelyk oan dat fan Tytsjerksteradiel en Fryslân. It Frysk ferstean kinne hast alle meiwurkers (hiel) goed. Ek fan praten en lêzen jout de mearderheid oan dat sy dat (hiel) goed kinne. In groep fan 20-40% jout oan it lêzen en praten frij aardich of net te behearskjen.

Figuer 3.2: Taalbehearsking



* Sjoch de taheakke foar de eksakte sifers en de respons per sektor.

Boarne: BBO, provinsje Fryslân

Frysk skriuwen is dúdlik foar de measte minsken it dreechst. In minderheid fan likernôch 30% jout oan dat goed te behearskjen. Opfallend is dat goed 50% fan 'e respondinten yn it basisûnderwiis oanjout it skriuwen (hiel) goed te behearskjen.

Lykas ferwachte - fanwegen harren memmetaal - is de groep dy't oanjout it Frysk net te praten of te skriuwen it grutst yn it fuortset ûnderwiis en it lytst yn it basisûnderwiis.

Fan 'e respondinten seit wat minder as de helte dat sy goed op 'e hichte binne fan 'e taalsitewaasje yn Fryslân en fan 'e foar- en neidielen fan meartaligens. Mar in lyts part jout oan dat sy der net fan op 'e hichte binne. Yn it basisûnderwiis binne de measte respondinten op 'e hichte; yn 'e foarskoalske opfang de minste. Dat lêste kin gearhingje mei de jongere leeftiid fan 'e respondinten. Dochs is it wol opfallend omdat krekt de meiwurkers fan 'e foarskoalske opfang in soad mei taal en taalûntwikkeling te meitsjen hawwe.

Tabel 3.2 Kennis fan taalsitewaasje en meartalichheid

Heeft u kennis van de taalsituatie in Fryslân en van de voor- en nadelen van meertaligheid?					
%	gemeente	foarskoalske opfang	basis ûnderwiis	fuortsettotaal ûnderwiis	enkête
<i>n</i>	142	36	81	39	298
Ja, ik ben goed op de hoogte	41	36	64	46	47
Ja, ik weet er een beetje van	50	64	35	39	46
Nee	9	0	1	15	7

Boarne: BBO

De represintativiteit fan 'e respons

As sjoen wurdt nei de skaaimerken fan 'e respondinten yn termen fan memmetaal, leeftiid, geslacht, wenplak en taalbehearsking dan wykt de totale groep respondinten net bot ôf fan 'e respondinten yn ûndersyk nei de taalsitewaasje yn 'e gemeente Tytsjerksteradiel of de provinsje Fryslân. De ferskillen dy't der binne, kinne aardich goed ferklearre wurde út de spesifike sitewaasje of personielsopbou yn in bepaalde sektor (gemeente, foarskoalske opfang, ûnderwiis). De konklúzje is dat de skaaimerken fan 'e respondinten yn grutte linen oerienkomme mei de ûndersykspopulaasje, en dat it ûndersyk dus aardich goed represintatyf is foar it totaal en fan 'e ûnderskate groepen.

Der is lykwols ien opmerking by te meitsjen. Omdat it Frysk en it Fryske taalbelied emoasjes oproppe kin, is der in mooglikheid dat foaral persoanen dy't harren belutsen fiele by it Frysk meidogge oan in ûndersyk dêr't it Frysk sintraal yn stiet. Minsken dy't 'niks mei it Frysk ha' soene dan ûnderfertsjinwurdige wêze. Of dit ferskynsel har foardocht is lestich oan te jaan, omdat ferlykber ûndersyk nei it Frysk mei itselde probleem te meitsjen hat. Der is lykwols in yndikaasje dat it ferskynsel har wol foardocht, omdat it derop liket dat yn 'e enkête hast alle persoanen dy't in kursus dien hawwe, ek de fragelist ynfolle hawwe (sjoch paragraaf 3.4). Foarearst wurdt hjir derfan útgien dat dit ferskynsel har net bot foardocht en de útkomsten allinnich marzjinaal beynfloedet.

3.3 Kennis fan taalbelied

Op 'e hichte wêze fan it taalbelied fan 'e gemeente is net foar alle groepen respondenten itselde. Dosinten yn it fuortset ûnderwiis en groepsliding yn 'e foarskoalske opfang hawwe yn mearderheid gjin kennis fan it gemeentlik belied. Dosinten yn it basisûnderwiis hawwe yn mearderheid dêr wol (wat) kennis fan. Gemeentlike meiwurkers witte yn mearderheid fan it belied ôf, mar de measten allinnich in bytsje. By de gemeente is it belied bekender as by de oare sektoaren. Der is in statistysk signifikant ferbân tusken it op 'e hichte wêzen fan it taalbelied fan 'e gemeente en wenplak en leeftiid. As respondenten yn 'e gemeente Tytsjerksteradiel wenje, witte sy der faker fan ôf.³⁷ Jongere respondenten (ûnder 30 jier) witte der minder faak fan ôf.³⁸

Tabel 3.3: Op 'e hichte fan it gemeentlik belied

Bent u op de hoogte van de inhoud van het taalbeleid van de gemeente?					
%	gemeente	foarskoalske opfang	basis ûnderwiis	fuortset ûnderwiis	totaal enkête
<i>n</i>	141	25	84	39	300
Ja, goed	30	6	12	13	20
Ja, een beetje	60	25	56	23	50
Nee	10	70	32	64	30

Boarne: BBO

As der by gemeentlike beliedsmiwurkers frege wurdt nei de ynhâld fan spesifike beliedsdokuminten dan is de kennis fan gemeentlike miwurkers oer it taalbelied in stik leger. Hast twa tredde respektlyk de helte fan 'e miwurkers is net op 'e hichte fan 'e ynhâld fan 'e gemeentlike taalnotysjes en de yntinsjeferklearring tusken gemeente en provinsje. Ek op in praktysk nivo is de bekendheid mei it belied net hiel heech. De helte fan 'e gemeentlike beliedsmiwurkers jout oan op 'e hichte te wêzen fan mooglikheden fan stipe op it mêd fan it Frysk.

Figuer 3.3: Op 'e hichte fan Frysk Fitaal



Boarne: BBO

De measte gemeentlike miwurkers binne wol op 'e hichte fan 'e mooglikheid fan in kursus. Dat hoecht lykwols net oan it 'belied' te lizzen, omdat it goed mooglik is dat

³⁷ P = 0,012 by in betrouberheid fan 95%.

³⁸ P = 0,000 by in betrouberheid fan 95%.

minsken yn it algemien wol ôfwitte fan 'e kursusmooglikheden fan bygelyks de Afûk. Dat leit by dosinten yn it fuortset ûnderwiis en by groepsliding in stik leger. De dosinten yn it basisûnderwiis binne folle faker op 'e hichte fan 'e kursusmooglikheid.

It op 'e hichte wêzen fan 'e mooglikheid fan in kursus is net 'neutraal'. Foaral de respondinten dy't in kursus dien hawwe, jouwe oan ek op 'e hichte te wêzen fan 'e mooglikheid fan in kursus. Der is in statistysk signifikant ferbân tusken op 'e hichte wêze en it folge hawwen fan in kursus.³⁹

Tabel 3.4: Op 'e hichte fan kursusmooglikheid

Bent u op de hoogte van de mogelijkheid een cursus Fries te volgen?					
	gemeente	foarskoalske opfang	basis ûnderwiis	fuortset ûnderwiis	totaal enkête
%					
<i>n</i>	142	36	84	40	302
Ja	91	58	89	40	80
Nee	9	42	11	60	20

Boarne: BBO

De gemeente hat in offisjeel taalbelied. Oft der ek taalbelied is yn 'e foarskoalske opfang en yn it ûnderwiis is ek frege yn 'e enkête. Op 'e fraach oft der oandacht is foar taalbelied yn 'e *eigen* organisaasje jout in romme mearderheid yn it ûnderwiis oan dat der taalbelied is. Dat jildt net foar alle lokaasjes fan basisûnderwiis. Yn 'e foarskoalske opfang leit it oars: dêr jout in mearderheid oan dat der wol oandacht foar is, mar dat dat gjin echt belied is.

It Frysk taalbelied komt yn teamoerlis yn it basisûnderwiis folle faker oan de oarder as yn it fuortset ûnderwiis en yn 'e foarskoalske opfang.

Tabel 3.5: Oandacht foar taalbelied

Is er in uw organisatie aandacht voor taalbeleid?				
	foarskoalske opfang	basis ûnderwiis	fuortset ûnderwiis	totaal enkête
%				
<i>n</i>	35	84	39	144
Ja, dat is beleid	23	83	66	66
Ja, er is aandacht voor, maar het is geen beleid	59	17	23	28
Nee	18	0	10	6

Boarne: BBO

Tabel 3.6: Agindapunt wurk-/ôfdielings-/teamoerlis

Is het Friese taalbeleid van de gemeente een agendapunt in het werk-/afdelings-/teamoverleg?				
	foarskoalske opfang	basis ûnderwiis	fuortset ûnderwiis	totaal enkête
%				
<i>n</i>	36	83	40	173
Ja, regelmatig	11	42	10	25
Ja, zo nu en dan	19	53	38	38
Nee	69	5	53	37

Boarne: BBO

³⁹ P = 0,000 by in betrouberheid fan 95%.

3.4 Maatregels

Yn dizze paragraaf giet it om de neikommende maatregels:

- it Frysk as funksje-eask;
- it folgjen fan in kursus;
- taalstipe (binnen de gemeente);
- Fryske taalmetoades/Frysktalich materiaal (yn it ûnderwiis en de foarskoalske opfang).

Frysk as funksje-eask

Neffens in grut part fan 'e respondinten is behearsking fan it Frysk in formele funksje-eask. Dat jildt út en troch foar it basisûnderwiis en foar in grut part ek foar de foarskoalske opfang. Yn it fuortset ûnderwiis is it leger, mar jout noch hieltyd hast 40% fan 'e dosinten oan dat Frysk in funksje-eask is. By de gemeentlike meiwurkers jout hast in fjirdepart dat oan. Utsein de foarskoalske opfang, jout ûngefear 20-30% fan 'e respondinten oan dat skriuwen ek in ûnderdiel fan 'e funksje-eask is (net yn 'e tabel). Yn 'e foarskoalske opfang is dat nul.

Tabel 3.7: Formele funksje-eask

Is er voor uw baan sprake van een formele (functie)eis beheersing van het Fries?					
%	gemeente	foarskoalske opfang	basisûnderwiis	fuortset ûnderwiis	totaal enkête
<i>N</i>	142	35	81	39	297
Ja	24	60	89	28	47
Nee	76	40	11	72	54

Boarne: BBO

Der is ek frege nei de ferwachtingen oer de taalbehearsking yn it gefal dat der gjin formele eask is. It blykt dat nochris fan goed twa tredde fan 'e respondinten in bepaald nivo fan taalbehearsking ferwachte wurdt. It giet dan foaral om (goed) ferstean, en folle minder om praten, lêzen en skriuwen. Goed 30% fan alle respondinten jout oan dat der fan harren gjin taalbehearsking easke of ferwachte wurdt.

Alhoewol't de funksje-eask foar in grut part fan 'e respondinten as in formeel gegeven jildt, komt it hast net yn funksjonearringspetearen oan de oarder. As it al oan de oarder komt dan is dat 'soms' en net as in fêst besprekpunt. Oan de iene kant is dat opfallend omdat ferwachte wurde mei dat in *formele* funksje-eask yn funksjonearringspetearen oandacht krijt. By de gemeente is it in konkrete beliedsmaatregel. It kin oan de oare kant ek wêze dat de behearsking fan it Frysk sa goed is en 'foar de hân leit' dat it gjin spesjale oandacht hoecht te krijen.

Tabel 3.8: Besprekpunt funksjonearringspetear

Komt de beheersing van het Fries aan de orde in een functionerings-/beoordelingsgesprek?					
%	gemeente	foarskoalske opfang	basis ûnderwiis	fuortset ûnderwiis	totaal enkête
<i>n</i>	141	36	80	39	296
Ja, het is een vast besprekpunt	15	3	1	3	8
Ja, het komt soms wel eens ter sprake	20	17	28	8	20
Nee	65	81	70	89	72

Boarne: BBO

Kursus

By it tal respondinten dat in kursus dien hat, is it basisûnderwiis opfallend: hast trije fjirde fan 'e dosinten hat in kursus dien. Faak is dit de kursus foar 'akte Frysk/Frysk foech'. Yn 'e foarskoalske opfang en it fuortset ûnderwiis is it tal kursisten in stik leger. By de gemeente hat likernôch in tredde fan 'e meiwurkers in kursus dien. It giet foaral om de kursus Leargong A (Frysk mei skriuwen). By de gemeente is in tsiental minsken noch op kursus.

Yn 'e enkête binne der goed 50 gemeentlike meiwurkers dy't opjouwe dat sy in kursus dien hawwe (net allinnich rjochte op skriuwen). It is net dúdlik oft it persintaazje fan respondinten dat in kursus dien hat (34%) of der noch mei dwaande is (9%) foar de hiele organisaasje jildt. Dan soe it gean om 80-90 persoanen. Neffens opjefte fan 'e gemeente hawwe ûngefear 40 meiwurkers in kursus dien rjochte op skriuwen (Leargong A) en is der noch in tal dwaande mei de kursus, wat delkomt op likernôch 20% fan it totale tal gemeentlike meiwurkers. It is dêrom oan te nimmen dat hast alle persoanen dy't in kursus dien hawwe of der mei dwaande binne meidien hawwe oan de enkête.

Tabel 3.9: Kursus

Hebt u een cursus gedaan?	gemeente	foarskoalske opfang	basis ûnderwiis	fuortset ûnderwiis	totaal enkête
%					
<i>n</i>	142	36	82	35	300
Ja, geslaagd	37	19	73	10	41
Ja, maar (nog) niet geslaagd	9	0	1	3	5
Nee	54	81	24	88	54

Boarne: BBO

Stipe (gemeentlike organisaasje)

Fan 'e gemeentlike beliedsmiwurkers jout likernôch in tredde oan op 'e hichte te wêzen fan mooglikheden fan stipe op it mêd fan it Frysk. It giet dan foaral om stipe fan 'e beliedsmiwurker Frysk, de Taalhelp (*spellingchecker*) en oersetmooglikheden fan 'e Afûk. De frekwinsje wêryn't stipe brûkt wurdt is lykwols leech. Yn 'e measte gefallen binne meiwurkers wol op 'e hichte fan 'e stipemooglikheid mar wurdt der hast nea gebrûk fan makke, of heechút in pear kear yn it jier. De *spellingchecker* wurdt noch it faakst brûkt. Dat de beliedsmiwurker Frysk hast nea ynskeakele wurdt as 'help' is op himsels wol logysk; syn taak is dy fan beliedsmiwurker, net dy fan taalstiper.

Tabel 3.10: Gebrûk fan stipemooglikheden

Zo ja, welke ondersteuning en hoe vaak				
Absolute tallen	Tal kearen neamd			
	wekelijks	een paar keer per maand	een paar keer per jaar	(bijna) nooit
Beleidsmedewerker Frysk				5
Taalhelp (spellingchecker)	3	8	11	40
Vertaalmogelijkheden Afûk		1	7	56
Collega's			7	25
Overig			2	7


Boarne: BBO

Taalmetoades/materiaal (foarskoalske opfang en ûnderwiis)

Yn 'e foarskoalske opfang wurdt benammen Tomke brûkt. Tomke wurdt lykwols net hiel faak brûkt. Meastentiids giet it om in kear yn 'e moanne of sa út en troch. Yn it basisûnderwiis wurde sawol Tomke as Studio F as metoade brûkt. Dat wurdt dan ek ridlik yntinsyf dien: yn in grut tal skoallen alle wiken. Yn it fuortset ûnderwiis wurdt Freemwurk as metoade brûkt.

Dêrneist wurde Fryske ('Afûk'-)boekjes brûkt by it foarlêzen. Dochs wurdt foaral yn it Nederlânsk foarlêzen. Yn it basisûnderwiis wurdt yn trije fjirde fan 'e gefallen foaral of allinnich yn it Nederlânsk lêzen. Yn 'e foarskoalske opfang leit dat wat oars. Dêr wurde yn 'e helte fan 'e gefallen beide talen like faak brûkt. It ferskil tusken basisûnderwiis en foarskoalske opfang liket derop te wizen dat it brûken fan it Frysk mear 'tusken de earen' sit yn 'e foarskoalske opfang.

Figuer 3.4: Brûken fan boekjes (foarlêzen)*



* Der is ûndersteld dat by foarlêzen boekjes brûkt wurde. Sjoch foar de detailsifers tabel 3.13.

Boarne: BBO

3.5 Taalgebrûk yn 'e praktyk


Yn dizze paragraaf giet it oer:

- ynterne en eksterne kontakten fan gemeentlike meiwurkers, en
- it brûken fan it Frysk by aktiviteiten yn skoallen en foarskoalske opfang

Ynterne en eksterne kontakten gemeentlike meiwurkers

Yn mear as de helte fan 'e kontakten tusken kollega's wurdt it Frysk sa goed as altyd brûkt. Dochs is der ek in ridlik heech persintaazje (hast 20%) dat it Frysk yn 'e ûnderlinge kontakten nea brûkt.

Figuer 3.5: Frysk praten mei kollega's en brûken fan it Frysk by eksterne kontakten



Boarne: BBO

By eksterne kontakten wurdt it Frysk folle minder brûkt. Dochs komme Frysktalige eksterne kontakten yn goed 15% fan 'e gefallen foar. Yn 40% fan 'e eksterne kontakten wurdt it Frysk ek noch yn mear as de helte fan 'e gefallen brûkt.

Ut oar ûndersyk docht bliken dat it Frysk yn 'e wurksitewaasje foaral yn ynformele kontakten brûkt wurdt en minder yn formele sitewaasjes of yn kontakt mei persoanen heger yn 'e organisaasje (management).⁴⁰ Yn 'e enkête is lykwols net frege nei hoe formeel ynformeel de kontakten binne.

By it skriftlik brûken fan it Frysk leit it oars. Hjir wurdt it Frysk yn 'e measte gefallen (hast) nea brûkt. By min ofte mear ynformele ynterne stikken, lykas in e-mail wurdt it Frysk sa út en troch noch wolris brûkt. By mear formele stikken, lykas notulen wurdt it Frysk (hast) nea brûkt.

Eksterne kontakten smite itselde byld op, allinnich dan mei noch wat minder Frysk taalgebrûk. Ek dêr wurdt yn e-mails noch it faakst Frysk brûkt.

⁴⁰ Sjoch bygelyks Boneschansker en Rütte (2000) en Kornelis, Verkooijen en Boneschansker (2008).

Tabel 3.11: Frysk skriuwen by ynterne kontakten

Hoe vaak schrijft u Fries bij <i>interne</i> contacten binnen de gemeente?				
%	E-mail	Memo	Notitie	Notulen
<i>N</i>	141	141	141	141
(Zo goed als) altijd	1	1	1	0
Niet altijd, maar wel in meer dan de helft van de keren	7	4	4	1
Zo nu en dan	31	16	11	6
(Vrijwel) nooit	60	78	85	93

Boarne: BBO

Tabel 3.12: Frysk skriuwen by eksterne kontakten

Hoe vaak schrijft u Fries bij <i>externe</i> contacten buiten de gemeente?				
%	E-mail	Brief	Notitie	Notulen
<i>n</i>	142	142	142	142
Niet altijd, maar wel in meer dan de helft van de keren	3	1	1	1
Zo nu en dan	18	9	5	4
(Vrijwel) nooit	79	90	94	95

Boarne: BBO

Hast twa tredde fan 'e gemeentlike meiwurkers fynt it Frysk skriuwen lestich. Mar 10% jout oan der gjin muoite mei te hawwen (net yn tabel). Ek as respondinten in kursus dien hawwe bliuwt foar in mearderheid it skriuwen lestich. Dochs is der in statistysk signifikant ferbân tusken it slagjen foar in kursus en it as dreech ûnderfinen fan it skriuwen: nei in kursus wurdt it skriuwen minder faak as lestich ûnderfûn.⁴¹

Gebrûk Frysk yn skoallen en foarskoalske opfang

It Frysk wurdt net in soad brûkt yn aktiviteiten dy't yn 'e groepen plakfine. Oer it gehiel wurdt ôf foaral Nederlânsk brûkt ôf wurde Frysk en Nederlânsk beide like faak brûkt. Der is wol in ferskil tusken foarskoalske opfang en basisûnderwiis. Foarlêzen, rûntepetear, groepsspultsjes en kreative aktiviteiten wurde yn 'e foarskoalske opfang faker yn it Frysk dien as yn it basisûnderwiis.

By oare aktiviteiten leit de ferhâlding tusken Nederlânsk en Frysk taalgebrûk noch wer oars. Klassikale útlis fynt foar fierwei it grutste part yn it Nederlânsk plak. Yndividuele útlis is folle mear yn it Frysk. Dêr folget de taal nei alle gedachten foar in part de memmetaal fan it bern.

By teamoerlis wurdt yn mear as de helte fan 'e gefallen it Frysk like faak of mear brûkt as it Nederlânsk.

By âlderpetearen is it opfallend dat yn 'e foarskoalske opfang en yn it basisûnderwiis it Frysk like faak of mear as it Nederlânsk brûkt wurdt, wylst yn it fuortset ûnderwiis de âlderpetearen foaral yn it Nederlânsk binne. Dat is opfallend omdat mei de learlingen sels op yndividueel nivo faker Frysk praat wurdt.⁴²

⁴¹ P = 0,001 by in betrouberheid fan 95%.

⁴² Dit liket in spegel fan in wol konstataarre ferskynsel dat net-Frysktaligen de taal earst leare of útprobearje by bern, omdat bern minder 'moeilijk' dogge oer flaters as folwoeksenen.

Tabel 3.13: Taalgebrûk by ferskate aktiviteiten (1)

In welke situaties gebruikt u in uw werk het Fries of het Nederlands?					
	Voorlezen	Kringgesprek	Liedjes zingen	Groepsspelletjes	Creatieve activiteiten
%					
<i>n</i>	14	35	33	35	35
foarskoalske opfang					
Alleen Nederlands	11	11	6	9	11
Vooral Nederlands	34	29	61	34	31
Beide ongeveer even vaak	49	26	27	37	31
Vooral Fries	6	34	6	20	23
Alleen Fries	0	0	0	0	3
<i>n</i>	74	74	74	75	75
basisûnderwiis					
Alleen Nederlands	23	8	20	16	16
Vooral Nederlands	49	69	47	36	36
Beide ongeveer even vaak	27	23	27	32	32
Vooral Fries	1	0	5	15	15
Alleen Fries	0	0	0	1	1

Boarne: BBO

Tabel 3.14: Taalgebrûk by ferskate aktiviteiten (2)

In welke situaties gebruikt u in uw werk het Fries of het Nederlands?				
	Klassikale uitleg/ uitleg	Individuele begeleiding	Teamoverleg	Oudergesprekken
%				
<i>n</i>			36	36
foarskoalske opfang				
Alleen Nederlands	-	-	19	14
Vooral Nederlands	-	-	17	14
Beide ongeveer even vaak	-	-	28	47
Vooral Fries	-	-	33	25
Alleen Fries	-	-	3	0
<i>n</i>	75	75	75	75
basisûnderwiis				
Alleen Nederlands	40	19	13	8
Vooral Nederlands	47	31	11	8
Beide ongeveer even vaak	12	47	20	33
Vooral Fries	1	4	39	45
Alleen Fries	0	0	17	5
<i>n</i>	40	39	40	38
fuortset ûnderwiis				
Alleen Nederlands	80	46	63	45
Vooral Nederlands	10	18	23	8
Beide ongeveer even vaak	3	26	10	24
Vooral Fries	8	8	5	24
Alleen Fries	0	3	0	0

Boarne: BBO

3.6 Taalhâlding

De taalhâlding kin besjoen wurde mei de antwurden op in tal stellings. Dêr docht dan bliken dat oer it gehiel de respondinten in positive hâlding foar it Frysk oer hawwe. By de measte ûnderwerpen is 40-50% dúdlik posityf; in selde part is neutraal of licht posityf. Der binne in tal stellings dy't derút springe.

In grutte mearderheid jout oan dat it wichtich is yn it wurk mei Frysktaligen yn it Frysk kommunisearje te kinnen. Ek in grutte mearderheid jout oan foardiel te hawwen fan it brûken fan it Frysk.

It Frysk wurdt dus wichtich fûn, mar it hat gjin prioriteit as it giet om eventueel aksje te ûndernimmen. In grut part fan 'e respondinten jout oan dat in aktyf taalbelied wichtich is, mar der stiet tsjinoer dat hast twa tredde oanjout dat der gjin probleem is mei it Frysk, wat de needsaak fan fierder belied minder grut makket. Yn oar ûndersyk nei taalbelied wurdt ek fûn dat der faak gjin probleem ûnderfûn wurdt om it brûken fan it Frysk hinne.⁴³ Der is ek in nijsgjirrich ferskil tusken oan de iene kant de sterk positive hâlding as it giet oer dat it goed is dat bern yn oanrekking komme mei oare talen, en oan de oare kant de folle minder positive hâlding as it giet oer dat Nederlânsktalige bern Frysk leare moatte soene. Miskien hat it te krijen mei it wurd 'moatte'. Ut oar ûndersyk docht ek bliken dat as Frysk taalbelied ferplichtsjend wurdt, de taalhâlding in stik negativer wurdt.⁴⁴

Tabel 3.15: Taalhâlding

Bent u het eens/oneens met de volgende stelling	n (Helemaal mee eens)	Een beetje mee eens	Neutraal	Oneens	
Het is belangrijk dat mijn organisatie een actief taalbeleid voert	300	43	34	14	10
In mijn dagelijkse werk heb ik voordeel van het gebruiken van het Fries	300	53	20	18	9
In mijn organisatie is er geen probleem met het gebruik van het Fries	299	64	18	14	4
Het Fries is in mijn werksituatie vooral nuttig in informele situaties	298	46	23	17	15
Ik vind het belangrijk dat ik in mijn werk met Friestaligen in het Fries kan communiceren	300	59	16	11	14
Ik vind dat het gebruik van het Fries gestimuleerd moet worden	299	43	25	20	11
Ik zou het niet erg vinden als het Fries verdwijnt	300	6	4	9	82
Nederlandstalige kinderen moeten Fries leren spreken	299	15	30	22	32
Het is goed dat kinderen van jongs af aan met meer talen in aanraking komen	300	75	19	5	1
Kinderen moeten zoveel mogelijk in de eigen taal worden opgevangen	157	48	29	14	9
Het gebruik van meer talen in een groep is verwarrend voor de kinderen	157	5	11	12	73

Boarne: BBO

Oer de effektiviteit fan taalbelied is der gjin dúdlike miening fan respondinten (tabel 20). De measten tinke dat it belied wol in bytsje efektyf is. In fjirdepart tinkt fan net.

⁴³ Sjoch bygelyks Kornelis, Verkooijen en Boneschansker (2008).

⁴⁴ Sjoch bygelyks Blömer, Boneschansker en Van der Tuin (2001) en Kornelis, Verkooijen en Boneschansker (2008).

Tabel 3.16: Oardiel oer effektiviteit

Mening over effektiviteit van beleid*	n	Ja, zeker	Ja, een beetje	Nee	Weet niet/geen mening
%					
Leiden naar uw oordeel de gemeentelijke maatregelen ter bevordering van het Fries tot meer Fries taalgebruik <i>binnen</i> de gemeentelijke organisatie	142	16	44	24	17
Leiden naar uw oordeel de gemeentelijke maatregelen ter bevordering van het Fries tot meer Fries taalgebruik in contacten met burgers en <i>externe</i> organisaties	142	16	45	22	18

* Allinnich gemeentlike meiwurkers.

Boarne: BBO

3.7 Beheinings en ferbetteringen

As de grutste beheining by de útfiering fan taalbeleid wurdt neamd dat de kontakten ek minsken mei in net-Fryske taaleftergrûn oangiet. By bern is de taaleftergrûn just net in probleem.⁴⁵ Ek wurdt opfallend faak oanjûn dat respondinten it net iens binne mei de stelling dat it Frysk lestich yn formele sitewaasjes te brûken is. Dat komt net oerien mei resultaten út earder ûndersyk.

Tabel 3.17: Beheinings

Mogelijke belemmeringen van het uitvoeren van taalbeleid zijn naar mijn idee					
%	n	(Helemaal) mee eens	Een beetje mee eens	Neutraal	Oneens
De mensen met wie ik contact heb, hebben vaak een niet-Friese taalachtergrond	300	6	31	31	40
Er is onvoldoende kennis van voor- en nadelen van meertaligheid	299	13	32	38	17
Het Fries is lastig te gebruiken in formele situaties	300	15	29	22	33
Er is onvoldoende beheersing van het Fries bij betrokkenen	300	8	30	39	23
De taalachtergrond van kinderen leent zich niet voor Fries taalbeleid*	160	1	7	27	66
Mogelijke belemmeringen bij het schrijven van Fries zijn naar mijn idee**					
Geen goede beheersing van het schrijven	142	71	23	5	1
De opdrachtgever vraagt er niet om	142	38	27	27	9
De doelgroep is niet Friestalig	142	38	32	21	9
Het kost veel tijd	142	63	23	9	5

* Allinnich dosinten en groepsliding.

** Allinnich gemeentlike meiwurkers.

Boarne: BBO

⁴⁵ Sjoch noat 52.

Spesifyk foar skriuwen wurdt foaral wiisd op 'e beheinde behearsking fan it skriuwen en op 'e tiid dy't skriuwen kostet.

Ferbetteringen dy't faak neamd wurde binne: in dúdliker fyzje fan 'e organisaasje op it Frysk, mear ynformaasje oer meartalichheid en mear Frysktalich materiaal. Ek wurdt stipe fan kollega's (net yn 'e tabel) faak neamd.

Tabel 3.18: Ferbetteringen en oanbefellings

Welke verbeteringen of aanbevelingen zou u willen doen?	n	Ja
%		
Meer cursussen, gericht op spreken	147	25,0
Meer cursussen, gericht op schrijven	162	36,3
Een duidelijker visie van de organisatie op gebruik van het Fries	168	40,5
Vaker formele stukken geschreven in het Fries	137	14,7
Meer informatie over meertaligheid	193	42,2
Meer Friestalig materiaal, zoals bijvoorbeeld Friestalige standaardbrieven	187	48,4
Praktische ondersteuning, door bijvoorbeeld een aanspreekpunt voor Fries op de afdeling	147	35,6

Boarne: BBO

4 ANALYZE DOELEN EN OANPAK TAALBELIED

4.1 Ynlieding

Yn dit haadstik wurdt it taalbelied analysearre. De beskriuwing fan it belied is earder dien (haadstik 2). De analyze wurdt earst dien op grûn fan in tal beliedskundige konsepten. It giet dan om it SMART-konsept en in beliedskundige typearring fan 'e maatregels.⁴⁶ SMART stiet foar Spesifyk, Mjitber, Akseptabel, Realistysk en Tiidbûn. Dêrnei komme de resultaten fan 'e fragelist foar managers oan de oarder. Fierder wurdt op basis fan 'e ynterne evaluaasje fan it Utfieringsplan Frysk de stân fan saken en it wol of net echt útfieren fan maatregels yn 'e gemeentlike organisaasje besjoen. As lêste folget in tal ûnderwerpen dy't yn 'e ynterviews oan de oarder kommen binne.

4.2 SMART

Gemeentlike organisaasje

By de haaddoelstelling giet it om it brûken fan it Frysk njonken it Nederlânsk en om it fergrutsjen fan draachflak. Dêrmei is it haaddoel fan it belied yn brede termen formulearre: draachflak, 'noflik' en 'oansprekkend'. De haaddoelstelling is net botte spesifyk of mjitber formulearre. Dat hoecht ek net as der op in leger doel-nivo wol konkrete (sub)doelen binne.

De mear konkrete (sub)doelen en maatregels fan it belied yn 'e gemeentlike organisaasje binne oer it gehiel allegear wol spesifyk formulearre, yn 'e sin dat sy dúdlik gean oer gemeente-ynterne saken. Foar in part binne de doelen ek kwantifisearre yn dúdlike doelsifers. Benammen it oandiel Fryske korrespondinsje en stikken is mei in doelsifer oanjûn. De measte maatregels binne konkreet beneamd yn termen fan op hokker plak (bygelyks by brieven, stikken, publyksfunksjes ensfh.) it Frysk brûkt wurde moat. By oare aspekten fan it belied is de formulearring lykwols net spesifyk. It giet dan bygelyks om de formulearring oer taaleasken oan it personeel. De taaleasken binne net konkretisearre yn termen fan op hokker mêd de taalbehearsking fan hokker nivo wêze moat.

De doelen en maatregels binne foar in grut part mjitber. It giet wat de gemeentlike organisaasje oanbelanget faak om sichtbere saken lykas it tal meiwurkers dat in kursus dien hat, it tal brieven en dokuminten yn it Frysk, it brûken fan Frysk op 'e webside, it tal kompjûters mei de software Fryske taalhelp, it tal kearen dat fan 'e neisjochtsjinst gebrûk makke wurdt, de bebuoring ensfh.

In oare fraach is oft der ek metten wurdt. Foar wat de gemeentlike organisaasje oanbelanget docht út it Evaluaasjeferslach (2009) bliken dat der noch swierrichheden binne mei it mjitten. Oant no ta wie de ynterne organisaasje noch net sa fier om op alle maatregels ek mjitte te kinnen. Yn 'e praktyk is der oant no ta hast net metten. Dêrtroch is ek faak net in nul-mjitting beskikber, wêrtroch it effekt fan it belied ek net (mear) goed te mjitten is.

Oer it gehiel kinne doelen en maatregels wol as akseptabel en realistysk betitele wurde, yn 'e sin dat der gjin ûnakseptabele of ûnrealistyske formulearringen by sitte. Doelen en maatregels binne normaliter binnen de wurkútfiering te dwaan. Omdat der helpmiddels

⁴⁶ Sjoch haadstik 1.

oanbean wurde (Taalhelp, neisjochtsjinst ensfh.) is der boppedat oandacht yn it belied foar mooglike praktyske beheining. Hoe realistysk de kwantifisearre doelen binne (25% Frysktalige korrespondinsje en stikken) is lestich oan te jaan, omdat der gjin ferlykbere praktyksitewaasjes binne. Yn 'e ynterviews is troch in tal persoanen lykwols oanjûn dat de kwantifisearre doelen te ambisjeus binne.⁴⁷

De doelen en maatregels binne yn it algemien tiidbûn formulearre. De maatregels út Frysk Fitaal I hienen in tiidrek fan 2003-2008. Frysk Fitaal II giet yn begjinsel oer de hjoeddeistige kolleezjeperioade (2006-2010). Doelen en maatregels binne lykwols net eksplisyt fertaald nei doelen per jier. Fan in tal maatregels is wol oanjûn wannear't se útfierd wurde moatte, mar fan 'e doelen is net dúdlik wannear't (yn hokker jier) se realisearre wêze moatte.

Foarskoalske opfang en ûnderwiis

De doelen en maatregels fan it belied rjochte op 'e foarskoalske opfang en it ûnderwiis binne oer it gehiel net hiel bot spesifyk formulearre. Bygelyks by it fuortset ûnderwiis binne de doelen net kwantifisearre of konkretisearre. De doelen binne formulearre yn kwalitative termen as 'goede opfang', 'yn oanrekking bringe mei de taal', 'adekwate oplieding' (fan groepsliding en dosinten) of 'in tal eksamenkandidaten' (by it fuortset ûnderwiis). Wat 'goed', 'adekwaat' of 'in tal' is, is net fierder útwurke. Ek de formulearring 'learkrêften/pjutteliedsters binne twatalich' is dizich, omdat net konkretisearre is op hokker mêd de taalbehearsking fan hokker nivo wêze moat. Dêr kin meispylje dat it ûnderwiis op ôfstân stiet fan 'e gemeente, sadat spesifike doelformulearring ek net as realistysk beskôge wurdt.

De doelen binne foar in part mjitber. It opnimmen yn in skoalleplan, it foldwaan oan de keardoelen en it oanbieden as eksamenfak binne yn begjinsel mjitber, mar sy binne sa rom en allinnich kwalitatyf formulearre dat se lestich te mjitten binne. Faak ûntbrekke spesifike, te berikken doelsifers.

De doelen foar de foarskoalske opfang en it ûnderwiis binne eins net akseptabel en realistysk formulearre. Dat hat dermei te krijen dat by de measte doelen de gemeente hielendal net it foech hat. Sa binne easken oan de taalbehearsking fan it personiel net it foech fan 'e gemeente. Ek it opnimmen fan Frysk taalbelied yn in skoalleplan giet de gemeente net oer. Oare doelen binne feitlik lanlike, wetlike doelen dêr't de gemeente net direkt mei te krijen hat (it heljen fan keardoelen, bygelyks), of lizze mear op it terrein fan it provinsjaal belied (eineksamenkandidaten Frysk). Allinnich it doel by de pjutteboartersplakken fan in goede psychologyske en pedagogysk-didaktyske opfang fan pjutten yn 'e eigen memmetaal, leit ticht by it gemeentlik foech en is yn dy sin realistysk.

De konkrete maatregels binne wol as akseptabel en realistysk te beskôgjen. It giet meastentiids om 'inisearje en stimulearje' en it bekostigjen (subsidiearjen) fan bygelyks de oanskaf fan Frysktalich materiaal. Dat type maatregels leit binnen de gemeentlike mooglikheden.

Lykas by de doelen en maatregels fan 'e gemeentlike organisaasje binne de doelen en maatregels net eksplisyt fertaald nei doelen per jier. Fan in tal maatregels is wol oanjûn wannear't dy útfierd wurde moatte, omdat der foar in spesifyk tal jierren budzjet is.

⁴⁷ Sjoch paragraaf 4.5.

4.3 Typearring fan maatregels

Gemeente yntern

De maatregels wurde hjir besjoen op wat it karakter dêrfan is (ferplichtsjend, positive of negative prikel, ôfspraken, of ynformaasje-oerdracht). It belied omfettet oer it gehiel in 'mix' fan type maatregels. De maatregels binne foar in part te karakterisearjen as ferplichtsjend, en foar in part as foaral 'ferliedend' yn 'e foarm fan positive prikel en 'ôfspraken'.

In tal maatregels is yn 'e beliedsnotysjes as ferplichtsjend opset. It giet om de neikommende maatregels:

- de notulen of beslutelisten fan 'e gemeenterie binne yn it Frysk en de notulist moat it Frysk skriuwe kinne;
- stikken foar gearkomsten fan 'e rie, lykas wurklisten en foarblêden, moatte yn it Frysk;
- by de oanstelling fan meiwurkers jout it behearskjen fan it Frysk de trochslach yn it gefal fan likense gaadlikens fan kandidaten;
- it Frysk moat troch meiwurkers op syn minst passyf behearske wurde;
- personielsadvertinsjes yn Fryske media binne yn it Frysk; op 'e webside dûbeltalich;
- Frysktalige brieven dy't by de gemeente ynkomme, wurde yn it Frysk beäntwurde.

Positive prikel binne te finen by maatregels as it oanbieden fan kursusmooglikheden, gratifikaasje by it slagjen foar in kursus en it skriuwen fan Fryske stikken. Ek de mooglikheid fan in fergoeding foar it oersetten fan Fryske teksten yn it ramt fan 'e wetlike ôfspraken konform de Awb is in positive prikel. Negative prikel by bygelyks it net neikommen fan ôfspraken of it net behearskjen fan it Frysk binne der net.

Maatregels yn 'e foarm 'ôfspraak' ha foaral te krijen mei it bestjoerlik fjild. It giet bygelyks om de útwurking fan 'e maatregels út de yntinsjeferkearring mei provinsje en oare gemeenten. In ôfspraak is bygelyks dat bestjoerlike brieven nei oare oerheden altyd yn it Frysk binne.

It oanbieden fan Fryske tydskriften en it opnimmen fan passazjes oer it taalbelied yn ferskate útjeften binne foarbylden fan ynformaasjemaatregels.

Foarskoalske opfang en ûnderwiis

De maatregels foar de foarskoalske opfang en it ûnderwiis binne te karakterisearjen as positive prikel en 'ôfspraken'. Allinnich maatregels as it berikken fan keardoelen en it oanbieden fan it fak Frysk binne ferplichtsjend. It giet dêrby lykwols om lanlike, wetlike regelingen dy't ek troch de lanlike ynspeksje kontrolearre wurde. De gemeente hat dêr net in soad mei fan dwaan. Positive prikel binne foaral de subsydzjes foar de (ekstra) kosten foar kursussen, materiaal ensfh. Maatregels dy't foaral ôfspraken binne, binne maatregels as it opnimmen fan taalbelied Frysk yn 'e skoalleplannen. Dêrfan is net altyd dúdlik yn hoefier't dat wier ôfspraken binne mei de ynstellings. Sanksjes by it net neikommen fan 'e ôfspraken binne net eksplisyt makke.

Dat de gemeente gjin ferplichtsjende maatregels hat rjochting it ûnderwiis en de foarskoalske opfang, slút oan op it feit dat de gemeente op dat mêd allinnich de mooglikheid fan inisearjende en stimulearjende aksje hat. By pjutteboartersplakken kin de gemeente wol wat mear fia de fergunning of feroardering. De ferantwurdlikheid foar de

kwaliteit fan it foarskoalsk ûnderwiis leit by de gemeenten; de útfiering fynt lykwols ‘op ôfstân’ plak.

4.4 Fragelist management

De fragelist op managementnivo hat foaral relevante resultaten opsmitten foar it belied foar de gemeentlike organisaasje oer.⁴⁸ Yn dizze paragraaf giet it dus allinnich om it byld by it gemeentlik management.

Op it nivo fan it gemeentlik management (ôfdielingshaden, direksje) is frege op hokker wize omgien wurdt mei doelen en maatregels fan it taalbelied Frysk. Dat liedt ta de neikommende konstatearringen.

By de doelformulearring troch it gemeentlik management wurdt it taalbeliedsdoel yn trochsnee wol folge, mar net altyd ien-op-ien. Tichtby de formulearring yn ‘e taalnotysje binne formulearringen as ‘it Frysk in folweardich plak jaan’ (foaral yn it formele ferkear; slút oan by it doel brûken fan it Frysk njonken it Nederlânsk) en ‘it útdragen fan ‘e Frysktaligens fan ‘e gemeente’ (slút oan op it doel draachflak). Ek oare formulearringen wurde brûkt, lykas ‘behâld fan Fryske taal en kultuer’, ‘it libben hâlden fan it Frysk’ en ‘it brûken fan it Frysk stimulearje’. It útgongspunt fan twataligens is werkenber by it management. Fan ien ôfdieling wurdt noch oanjûn dat, ‘safier as bekend’, foar de ôfdieling net foarskreaun is dat stikken yn it Frysk opsteld wurde moatte.⁴⁹

As maatregels wurde troch it management neamd:⁵⁰

- kursussen foar meiwurkers, foaral rjochte op skriuwen;
- kwaliteitseasken meiwurkers (foaral ferstean en soms sprekken); by ien wurdt neamd dat dat foaral jildt foar publyksfunksjes;
- antwurdzjen fan Frysktalige brieven yn it Frysk; by ien wurdt neamd dat dat ek konsekwint bart; in oar neamt dat jo dêrmei sjen litte it Frysk serius te nimmen;
- agindapunt by ‘competentiemanagementgesprekken’/funksjonearringspetearen; ien neamt dat dat de bewustwurding stimulearret;
- as oandachtspunt yn it ôfdielingsoerlis komt it taalbelied in inkele kear foar; ien neamt dat dat elk skerp hâldt;
- yntern Frysk prate.

Ut de antwurden op ‘e fragelist komt ek nei foaren dat evaluaasje fan it taalbelied net planmjittich en folslein bart. It komt by in tal ôfdielingen neffens it management oan de oarder yn ôfdielingsoerlis of funksjonearringspetearen.⁵¹ Ek wurde wol oersjoggen byhâlden fan korrespondinsje (útgeande brieven).⁵² In part fan ‘e ôfdielingshaden is net bekend mei evaluaasjes fan it taalbelied.

⁴⁸ Net alle ynstellings yn it ûnderwiis en de foarskoalske opfang ha reagearre. As der al reagearre is, is net altyd alle relevante ynformaasje oanjûn.

⁴⁹ Ofdieling Wurk en Bystân.

⁵⁰ Yn ien reaksje wurdt ek oanjûn dat e-mail korrespondinsje mei wethâlders troch in tal meiwurkers yn it Frysk antwurde wurdt.

⁵¹ Ofdieling Miljeu, Bouwen en Behear, Mienskip, en Finânsjes en Juridyske Saken.

⁵² Ofdieling Mienskip, en Finânsjes en Juridyske Saken.

4.5 Evaluaasje Utfieringsplan Frysk

De ynterne evaluaasje dy't de beliedsamtner Frysk útfierd hat, smyt de neikommende resultaten op. It giet allinnich om it taalbelied rjochte op 'e gemeentlike organisaasje.

Bestjoerlik

Wat de maatregel oanbelanget dat de notulen of beslutelisten yn it Frysk binne, kin opmurken wurde dat sûnt 2006 gjin skriftlike notulen mear makke wurde fan 'e riedsgearkomsten. De maatregel is dus *de facto* net mear relevant.

Ut it Evaluaasjeferslach (2009) docht bliken dat maatregels yn 'e sfear fan Fryske korrespondinsje en stikken, yn 'e praktyk lang net allegear útfierd binne. Fan 'e maatregel om *alle* brieven nei de provinsje Fryslân yn it Frysk te skriuwen, is realisearre dat 18% fan 'e brieven oan Deputearre Steaten yn it Frysk is. Ofspraken oer oare korrespondinsje binne net neikaam. Yn it Evaluaasjeferslach (2009) wurdt oer de perioade 1 juny - 1 novimber 2007 rûsd dat 1% oant 2% fan alle brieven fan 'e ôfdielings Frysktalich wienen.⁵³ Ek rapporten en beliedsnota's binne foar it grutste part Nederlânsktalich.⁵⁴ Foarblêden fan stikken foar de rie binne wol geregeld yn it Frysk.⁵⁵

Der is in regeling foar it Frysk yn it skriftlik ferkear tusken boarger en gemeente, mar der wurdt net byhâlden hoe faak oft dêr gebrûk fan makke wurdt; dat is ek net bekend.

Personielsbelied

Kwaliteitseasken Frysk foar it persoanel krije yn 'e praktyk foaral oandacht by nije sollistanten. Fan harren wurdt frege it Frysk yn elk gefal passyf te behearskjen. It folgjen fan in kursus wurdt stimulearre. Neffens de rûzing hawwe seker 40 persoanen in kursus dien (fan 'e 280).⁵⁶ De ôfdielingsmanagers hawwe in list mei amtners mei ien of mear Fryske diploma's.⁵⁷ Neffens it Evaluaasjeferslach binne taalhâlding en taalgedrach in fêst punt by de funksjonearringspetearen.⁵⁸

Personielsadvertinsjes yn Fryske media binne yn it Frysk; bûten Fryslân yn it Nederlânsk. Sy wurde op 'e webside dûbeltalich pleatst.⁵⁹

De Fryske Taalhelp (*spellingchecker*) is neffens it Evaluaasjeferslach no by 30 meiwurkers op 'e pc set (13% fan it totaal).⁶⁰ Fan 'e neisjochtsjinst fan 'e Afûk wurdt neffens it Evaluaasjeferslach 'sa no en dan' gebrûk makke. Der binne formats foar standertbrieven, advysformulieren ensfh. yn it Frysk beskikber.⁶¹

Sichtberens

Bebuording yn it gemeentehûs is op in tal plakken al realisearre, mar noch net oeral.⁶² De telefoan by de resepsje wurdt yn prinsipe yn it Frysk opnaam.⁶³ De webside is lykas it algemiene belied yn begjinsel twatalich. Gemeentlike ynformaasje soe ek yn prinsipe yn it Frysk op 'e webside moatte. Dat is noch lang net oeral realisearre; der wurde te min Fryske stikken oanlevere.⁶⁴ Der is noch te min resultaat boekst as it giet om it publisearjen fan Fryske stikken yn 'Actief'.

⁵³ Evaluaasjeferslach (2009), s. 1.

⁵⁴ Opjefte gemeente.

⁵⁵ Opjefte griffy.

⁵⁶ Opjefte gemeente.

⁵⁷ Evaluaasjeferslach (2009), s. 4.

⁵⁸ Evaluaasjeferslach (2009), s. 3.

⁵⁹ Evaluaasjeferslach, 2009, s. 5.

⁶⁰ Der binne *232 meiwurkers mei in eigen e-mailadres en dus wierskynlik in (fêst) wurkplak mei pc (opjefte griffy).

⁶¹ Evaluaasjeferslach, 2009, p. Evaluaasjeferslach (2009), s. 4.

⁶² Evaluaasjeferslach, 2009, s. 4.

⁶³ Evaluaasjeferslach, 2009, s. 4.

⁶⁴ Evaluaasjeferslach, 2009, s. 5.

Dêrneist hat de provinsje Fryslân noch it oanbod dêr't de gemeente gebrûk fan makket yn 'e foarm fan it 'Wolkom taske' foar nije ynwenners fan bûten de provinsje (in pear kear yn it jier) en wolkompaketsjes by berte.

4.6 Ynterviews

Hjir giet it om de resultaten fan 'e ynterviews dy't hâlden binne mei direkt belutsenen. Yn kaders is ek de stân fan saken yn 'e sektoaren ûnderwiis en foarskoalske opfang beskreaun, sa as dat yn 'e ynterviews nei foaren kaam.

Gemeente-yntern

Doel en útgangspunten

By it doel fan it taalbelied Frysk jouwe de ynterviewde persoanen oan dat it foaral giet om it fersterkjen fan it draachflak foar it brûken fan it Frysk.⁶⁵ Oanjûn wurdt dat de doelen mei fleksibiliteit ynterpretearre wurde moatte. De doelen binne mear doelsifers foar de lange termyn as spesifike doelen foar de koarte termyn. It kwantitative doel fan 25% Fryske stikken is lykwols wat te ambisjeus. It doel fan 25% stikken is mear in yndikaasje as in hurd sifer; it is by it opstellen fan Frysk Fitaal I oernaam fan 'e provinsje. Ek dêrby giet it yn 'e ynterpretaasje fan 'e ynterviewde persoanen mear om doelsifers op 'e wat langere termyn as om 'hurde' doelen op 'e koarte termyn. Dat betsjut dat yn 'e eagen fan 'e minsken dy't it belied útfiere moatte de doelstelling oangeande it skriuwen fan Frysk net realistysk binne. Dat wiist op in ferskil tusken 'papieren' belied en de (ûnderfûne) wurklikheid.

Utgangspunt by it belied, dat de measte ynterviewde persoanen ûnderskriuwe, is dat jo útdaagje en ferliede en net oplizze moatte. Jo kinne it freegje, mar net ferplichtsje. It útgangspunt dat it noflik moat, wurdt ûnderskreaun. It belied moat mei fleksibiliteit tapast wurde.

Under oare dêrtroch ferskilt de wize wêrop't it belied útwurke is per ôfdieling. Benammen WWB hat eksplisyt in spesjale posysje as it giet om Frysktalige brieven. In tal ynterviewde persoanen fynt dat dat eins wat mear gelyk wêze moatte soe.

Maatregels as easken oan de taalbehearsking fan it eigen persoanel binne 'op papier' ferplichtsjend, mar yn 'e praktyk net. Ut de ynterviews komt nei foaren dat de eask fan taalbehearsking eins allinnich by nije sollistanten tapast wurdt. Yn 'e praktyk is it behearskjen fan it Frysk lykwols net in hurde eask en binne oare kwaliteiten en kompetinsjes wichtiger. Faak wurdt oannommen dat it wol goed sit mei it (passive) Frysk. De eask fan Fryske taalbehearsking is mear wat foar publyksfunksjes, net foar oare meiwurkers. Frysk komt soms wol, soms net yn funksjonearringspetearen mei meiwurkers oan de oarder.⁶⁶ It ferbetterjen fan 'e taalbehearsking is oer it gehiel frijwillich: In kursus is der foar 'wa't dat wol'. Ferplichtsjend belied rjochte op it sittende persoanel is der yn 'e praktyk net.

Oanstjoering gemeente-yntern

De ferantwurdlikheid foar de útfiering fan it taalbelied Frysk is dellein by it managementteam (ôfdielingshaden en direkteur). Dat wurdt troch de ynterviewde persoanen ûnderskreaun. Oer it gehiel wurdt it taalbelied lykwols droegen troch in beheind tal entûsjaste bestjoerders en amtners. Yn it Evaluaasjeferslach wurdt wat it

⁶⁵ De ynterviewde persoanen foar dit diel binne de wethâlders mei ûnderwiis/pjutteboartersplakken en Frysk yn 'e portefúlje, twa ôfdielingshaden, de direkteur, en twa beliedsmiwurkers (ûnderwiis en Frysk). Sjoch de taheakke.

⁶⁶ Der is op dit punt in ferskil mei it Evaluaasjeferslach (2009), dêr't wol yn oanjûn is dat it oan de oarder komt. Ek yn 'e enkête wurdt fûn dat it net bot yn funksjonearringspetearen oan de oarder komt (sjoch paragraaf 3.4).

skriftlik brûken fan it Frysk oanbelanget steld dat 'de ôfdielingsmanagers [...] mear op [Fryske stikken] oanstjoere moatte'.⁶⁷

Yn 'e ynterviews wurde twa faktoaren neamd dy't de effektiviteit fan it belied beynfloedzje (kinne).

- De earste is dat it Frysk by it managementteam net altyd prioriteit hat. It reguliere wurk giet foar. Boppedat wurdt oanjûn dat ôfdielingsshaden ek te krijen ha mei it reguliere oanstjoeren fan meiwurkers. It Frysk past der net altyd by, seker net as it ferplichtsjend wêze soe. It management hat ferskillende belangen - bygelyks wurkynhâld, tiidsplanning en oanstjoering fan 'e meiwurkers - dy't net altyd passe by in aktyf belied Frysk. Fierder jildt foar it management dat troch wurkdruk en te min tiid meitsjen, der net safolle oandacht foar it Frysk is. De taalhâlding is op himsels posityf, mar yn 'e praktyk hat it gjin prioriteit. Pragmatysk wêze bepaalt it belied. In tal ynterviewde persoanen merkt op dat it managementteam mear in foarbyldfunksje oppakke moatte soe.
- De twadde faktor is dat it belied net goed metten wurdt en dat der mei evaluaasjeresultaten te min dien wurdt. It belied wurdt, neffens de ynterviewde persoanen, te min folge. Der is net in monitoringsysteem dat oanheakket oan in planning- en kontrolystysteem foar it taalbelied. Der is no gjin sicht op bygelyks hoefolle Fryske brieven ferstjoerd wurde. De beliedsmiwurker Frysk komt wol mei evaluaasjes, mar dy krije te min plak yn 'e reguliere planning en útfiering. Mei dêrtroch is it belied ek net goed sichtber, sawol foar bestjoer en rie, as foar de gemeentlike meiwurkers. Oanstjoering út kolleezje of rie wei is dan ek net goed mooglik.

Beheinings

As beheinings foar it brûken fan it Frysk neame de ynterviewde persoanen it faakst: lege prioriteit, tiid en kosten. It (ynhâldlike) wurk giet foar; it Frysk wurdt yn 'e útfieringspraktyk minder wichtich fûn. Neffens de miening fan 'e ynterviewde persoanen wurdt it Frysk troch de meiwurkers net as in probleem ûnderfûn.⁶⁸ Ek wurdt wol oanjûn dat de meiwurkers primêr ôfreckene wurde op it reguliere wurk, net op it brûken fan it Frysk.

By skriuwen leit dat noch wat dreger. Nut en needsaak fan skriuwen is der net echt. Tiidsdruk is faak it probleem. Der is faak gjin tiid om in stik oer te setten/oersetse te litten. Dochs is der op guon ôfdielings wol in persoan dy't wolris helpt, omdat dy wat better yn it Frysk is. Oersetse troch de Afûk soe wol kinne, mar dan moat it hiel fluch, en it kostet jild. By it skriuwen wurdt ek neamd de kompleksiteit fan stikken, foaral by juridyske stikken. In oar knipepunt dat wol neamd wurdt, is dat foaral by it skriuwen meiwurkers faak bang binne om flaters te meitsjen.

De acht oeren yn 'e wike dy't de meiwurker Frysk hat, is wol genôch op it momint dat oaren ek harren wurk foar it Frysk dogge. Ek it budzjet liket genôch: der is gjin dúdlike fraach om mear.⁶⁹

⁶⁷ Evaluaasjeferslach, 2009, s. 6.

⁶⁸ Dit komt oerien mei de resultaten út earder ûndersyk. Sjoch bygelyks Blömer, Boneschansker en Van der Tuin (2001) en Kornelis, Verkooijen en Boneschansker (2008).

⁶⁹ Yn totaal, ynklusyf de amtner Frysk, giet it om in budzjet fan 45-50.0000 euro it jier.

Foarskoalske opfang en ûnderwiis

Ut de ynterviews oer it taalbelied yn 'e foarskoalske opfang en it ûnderwiis is it gemeentlik taalbelied oan de oarder kaam.⁷⁰ Dat stiet hjir sintraal. De stân fan saken en it belied fan 'e ynstellings sels foar it Frysk oer is lykwols ek oan de oarder kaam. Nettsjinsteande dat it net sintraal yn dit ûndersyk stiet, is dy ynformaasje yn kaders wol oanjûn.

Doel en effektiviteit

De doelen fan it gemeentlik taalbelied rjochte op foarskoalske opfang en ûnderwiis, kinne net ôftwongen wurde. Troch de ynterviewde persoanen wurdt befêstige dat de skoallen en

foarskoalske opfang tsjinoer de gemeente foar it grutste part selsstannich binne.⁷¹ By bygelyks taaleasken fan persoanen hat de gemeente gjin ynbring. De gemeente kin neat ôftwinge. It útgongspunt foar it gemeentlik taalbelied is mear dat skoallen dy't wat mei it Frysk dwaan wolle, stipe krije kinne fan 'e gemeente. Yn 'e praktyk giet it foaral om subsydzjes op oanskaf fan materiaal en lesmetoaden; Kinderwoud, de pjutteboartersplakken en ek wol basisskoallen meitsje hjir ek gebrûk fan.

Dêrneist is der foar de pjutteboartersplakken budzjet foar byskoalling yn it ramt fan in 'kwaliteitsslach', dêr't net dúdlik fan is yn hoefier't it Frysk dêryn meinommen is. Wat it gemeentlik belied rjochte op foarskoalske opfang en ûnderwiis oanbelanget, is it útgongspunt dat it Frysk, yn oerlis mei de beliedsmeiwurker Frysk, 'meinommen' wurdt dêr't it mooglik is. De kearn fan it belied is lykwols ûnderwiis, en dêr leit ek de prioriteit. Benammen by de pjutteboartersplakken wurdt wol mear dien oan it Frysk, yn gearhing mei de oandacht dy't taalûntwikkeling dêr regulier al krijt.

In konstataarring is dat de ynterviewde persoanen 'yn it fjild' net op 'e hichte binne fan 'e doelen fan it gemeentlik taalbelied rjochte op foarskoalske opfang en ûnderwiis. It taalbelied fan 'e gemeente is net bekend. Skoallen binnen ek frij harren eigen belied te kiezen. Yndividuele basisskoallen hawwe yn 'e praktyk boppedat meastentiids ek beliedsfrijheid tsjinoer harren eigen bestjoer. De útgongspunten fan 'e skoalle binne dêrom bepalend foar doelen foar it Frysk oer. Der wurdt wol gebrûk makke fan finansjele stipe. Fan dy maatregel binne guon dus wol op 'e hichte.

⁷⁰ De ynterviewde persoanen foar dit diel binne (foaral) de beliedsmeiwurker ûnderwiis, managers fan Kearn en Kinderwoud en ien direkteur fan in basisskoalle (sjoch de taheakke). It is om praktyske redenen net slagge om ek mei in direkteur fan in kristlike basisskoalle in ynterview te regeljen. Mei't de posysje fan it kristlik basisûnderwiis noch mear op ôfstân is as dy fan it iepenbier ûnderwiis, wurdt lykwols net ferwachte dat de resultaten fan in ynterview by in kristlike basisskoalle oars west hiene as de oare resultaten fan it ûndersyk of mear ynsjoch opsmiten hiene.

⁷¹ De ynterviewde persoanen foar dit diel binne de wethâlders mei ûnderwiis/pjutteboartersplakken en Frysk yn 'e portefúlje, de beliedsmeiwurker ûnderwiis, twa direkteuren fan it fuortset ûnderwiis, ien direkteur fan in basisskoalle en twa klustermanagers yn berne-opfang/pjutteboartersplakken. Sjoch de taheakke.

Stân fan saken foarskoalske opfang

Kinderwoud: Kinderwoud hat net in taalbelied, dêr't it Frysk eksplisyt yn meinaam is. Der is in algemien pedagogysk plan. Dat hat te krijen mei de begjinfaze dêr't de organisaasje yn sit. Der wie oant no ta gjin tiid om mei oare saken dwaande te wêzen. It management is wol posityf foar it Frysk oer. Der wurdt gebrûk makke fan Tomke (mei provinsjale stipe). Kinderwoud hat gjin eksplisyt belied oangeande de twataligens fan liedsters.

Pjutteboartersplakken: Der is in taalbelied mei as wichtichste komponint dat der by foarkar ien Frysk en ien Nederlânsk pratende liedster oanwêzich is op alle plakken, dy't de taal ek konsekwiint brûkt. De fyzje is dat yn 'voor- en vroegschoolse educatie (vve)' taal en taalûntwikkeling hiel wichtich binne en dan giet it automatysk oer it Frysk. Troch de oandacht en de ambysjes wat it vve oanbelanget is der ek oandacht foar it Frysk. By de *intake* wurdt frege nei de memmetaal/foarkarstaal. Der binne sertifisearringstrajekten fia it Sintrum Frysktalige Berne Opfang. Jistrum is in Frysktalich berne-opfangplak, Earnewâld is in twatalich pjutteboartersplak en Burgum sit yn it trajekt by it Sintrum FBO.

Boarne: basearre op ynterviews

Oanstjoering en rol gemeente

Frysk yn 'e foarskoalske opfang en it ûnderwiis wurdt net troch de gemeente monitoare. Foar in part komt dat omdat oare partijen der ferantwurdlik foar binne. Lykas it wetlik ferplichte Frysk kontrolearre wurdt troch de Ynspeksje ûnderwiis.

Der is gjin struktureel oerlis tusken ûnderwiis en gemeente oer it taalbelied Frysk. Wol komt yn it oerlis tusken ûnderwiis en gemeente de trijetalige skoalle en de meartalige trochgeande learline oan de oarder. Frysk komt ek oan de oarder yn it ramt fan it efterstânsbelied. Skoallen hawwe oer it Frysk lykwols eins faker kontakt mei de provinsje.

Stân fan saken Frysk yn it basisûnderwiis

Der is net altyd sicht op wat der mei it Frysk bart yn it ûnderwiis. Skoallen binne autonoom. De skoalle 't Partoer (Burgum) is dwaande mei sertifisearring as trijetalige skoalle. De measte skoallen brûke foar it fak Frysk de metoade studio F. Skoallekranten binne faak (foar in part) yn it Frysk foaral yn 'e Frysktalige doarpen (lykas Jistrum en Earnewâld).

Yn it skoallejier 2004/2005 hat de ynspeksje de sitewaasje om it fak Frysk hinne ûndersocht (Ûnderwiisynspeksje, 2005). Resultaten wienen de neikommende. Learlingen yn 'e groepen 1 en 2 krije gemiddeld in healoare wyks Frysk, learlingen yn 'e hegere groepen in healoare oant trije kertier. Trochstrings kriget in learling yn it ferrin fan 'e basisskoalle op syn heechst 200 oeren Frysk. De ferskillen tusken skoallen binne grut. De helte fan 'e skoallen brûkt Frysk ek as fiertaal, benammen by de kreative fakken en it bewegingsûnderwiis. De lessen Frysk binne benammen rjochte op 'e hâlding foar de taal oer, it ferstean en it praten. De Fryske wurdskat, Frysk lêzen en Frysk skriuwen komme folle minder oan bar. It oanbod slút mar foar in part oan op 'e keardoelen.

Boarne: basearre op ynterviews. Ynspeksje ûnderwiis (2005).

Finansjele middels komme ek fan 'e provinsje. By de pjutteboartersplakken spilet it Sintrum Frysktalige Berne Opfang in sintrale rol yn 'e stipe as it giet om it Frysk. Kontakten oer it Frysk binne der foaral mei it Sintrum.

De gemeente hat net it inisjatyf yn nije ûntjouwings lykas de trijetalige skoalle. It inisjatyf leit yn it foarste plak by de skoallen. Ut de stifting OPO wei wurdt oan de skoallen frege om taalbelied op te nimmen yn 'e skoalleplannen; ek dêr is gjin gemeentlike oanstjoering by, wylst dat wol as in konkreet beliedsdoel formulearre is.

Beheinings

Omdat de skoallen selsstannich hannelje, is der net systematysk en folslein sicht op wat der mei it Frysk dien wurdt op skoallen. Belied of maatregels kinne dus ek net ûntwikkele wurde op basis fan dat soarte fan ynformaasje.

Stân fan saken Frysk yn it fuortset ûnderwiis

It fak Frysk wurdt jûn. De dosinte-oeren falle yn it wetlik ferplichte earste jier ûnder de reguliere bekostiging; yn fierdere jierren is der in provinsjale subysdzje fan 50% fan 'e dosinte-oeren. It Frysk as fak is op it Liudger ferplichte yn learjier 1 en 2. Yn leargong 3 en 4 is it fakultatyf. Der binne net in soad learlingen dy't it Frysk as eksamenfak kieze (5-10 it jier.) Der wurdt gebrûk makke fan 'e metoade Freemwurk. Frysk is oer it gehiel net in funksje-eask foar dosinten. Kursussen foar dosinten betellet it fuortset ûnderwiis sels; dat falt ûnder reguliere 'schooling en opleiding'. Der is binnen CKV oandacht foar Frysk-kulturele saken (bygelyks yn gearwurking mei Tryater). By festivals of oare aktiviteiten wurdt oandacht bestege oan Fryske kultuer; der binne ek provinsjale subysdzjes foar.

Boarne: basearre op ynterviews.

Troch de ynterviewde persoanen wurdt as knipepunt faak de kosten fan 'e oanskaf fan materiaal en lesmetoaden oanjûn.⁷² Beheinings lizze ek yn 'e kosten fan Fryske les yn 'e boppebou fan it fuortset ûnderwiis.⁷³ Foar in part bekostiget de provinsje dat.

⁷² Dêrby giet it om bedraggen yn ien kear per skoalle fan inkele hûnderten oant in pear tûzen euro.

⁷³ Dy kosten, foaral foar dosinte-oeren, kinne oprinne oant likernôch 15.000 euro yn it jier.

5 BEFININGEN, KONKLÚZJES EN OANBEFELLINGS

Yn dit rapport binne de doelen en ynstruminten fan it taalbelied fan 'e gemeente Tystjerksteradiel beskreaun. Dit haadstik behannelet de resultaten fan 'e analyse. Dat wurdt dien troch earst in tal befiningen te formulearjen. Dêrnei wurdt yngien op 'e beäntwurding fan 'e sintrale ûndersyksfragen. Op basis dêrfan folget in tal oanbefellings.

Befiningen

Doel en útgongspunten

1. De doelen en útgongspunten fan it gemeentlik taalbelied binne fêstlein yn in tal gemeentlike notysjes (Frysk Fitaal I en II, en it Utfieringsplan Frysk foar de gemeente). Foar kontakten tusken de gemeente en oare oerheden en boargers wurdt it belied fan in ramt foarsjoen troch wetlike regelingen en ôfspraken op provinsjaal nivo. It wetlik foech rjochting ûnderwiis en berne-opfang is der net of allinnich tige beheind.
2. Net foar alle belutsenen binne de doelen fan it taalbelied dúdlik. Op in heech abstraksjenivo - draachflak foar it brûken fan it Frysk - is der wol 'oerienstimming', mar konkrete doelen binne faak net bekend. Gemeentlike meiwurkers binne ek net goed op 'e hichte fan it konkrete belied sa as dat yn 'e ferskate beliedsnotysjes stiet. Yn it ûnderwiis en de foarskoalske opfang is it gemeentlik belied rjochte op dy sektoaren al hielendal net goed bekend.
3. Nettsjinsteande dat it gemeentlik taalbelied Frysk net altyd bekend is yn 'e foarskoalske opfang en it ûnderwiis, jout in romme mearderheid fan meiwurkers - foaral yn it ûnderwiis - oan dat der wol ien of oare foarm fan taalbelied is yn 'e *eigen* organisaasje.
4. Yn 'e útfieringspraktyk is it útgongspunt dat it belied ferliedend wêze moat en net ferplichtsjend: it moat 'noflik' bliuwe. De fraach hokker ynfloed dat útgongspunt hat op 'e effektiviteit fan it belied is yn dit ûndersyk net meinommen. Op basis fan dit ûndersyk kin dêrom gjin algemiene útspraak dien wurde oer de fraach oft in mear ferplichtsjend of mear frijbliwend belied effektiver is.
5. Der is in ynterpretaasjeferskil by de doelen en útgongspunten fan it taalbelied Frysk tusken oan de iene kant it managementteam dat ferantwurdlik is foar de útfiering en oan de oare kant wat yn 'e beliedsnotysjes dellein is en bestjoerlik fêststeld is. It doel fan 25% Frysktalige stikken wurdt bygelyks troch it management as net realistysk en te ambisjeus beskôge, wylst it wol in doel yn 'e beliedsnotysjes is.

Doelformulearring en typearring fan maatregels

6. In part fan 'e doelen en maatregels foar it taalbelied rjochte op 'e gemeentlike organisaasje is SMART formulearre, mar in part is dat net. Benammen de taaleasken binne net konkretisearre yn termen fan op hokker mêd de taalbehearsking fan hokker nivo wêze moat. De doelen foar it taalbelied rjochte op 'e foarskoalske opfang en it ûnderwiis binne globaal formulearre.

7. In tal doelen kin metten wurde, in tal doelen net. Monitoring fan 'e ynset en de effekten fan 'e maatregels wurdt net systematysk dien. By it belied rjochte op 'e gemeentlike organisaasje wurdt wol sa no en dan evaluearre; by it ûnderwiis hielendal net. Der is gjin nul-mjitting fan it belied útfierd, wêrtroch't it bepalen fan 'e effektiviteit net goed mooglik is.
8. Der is gjin hurde tiidsplanning fan it belied. De measte doelen binne net dúdlik yn doelen per jier útienset.
9. Yn it belied foar de gemeentlike organisaasje stean in tal ferplichtsjende maatregels op papier, mar dy wurde yn 'e beliedspraktyk net brûkt of komme (hast) net foar. Per saldo wurdt yn it belied foaral gebrûk makke fan positive prikkels en ôfspraken. Der binne gjin negatieve prikkels ynfierd. Ofspraken binne yn 'e praktyk net hiel hurd; der binne gjin sanksjes op it net neikommen fan ôfspraken.

Oanstjoering

10. De beliedsútfiering wurdt beheind troch ferskillen yn belangen en prioriteiten fan kolleezje en rie oan de iene kant en it foar de útfiering ferantwurdlike managementteam oan de oare kant. Der is yn dy sin sprake fan in *principal-agent problem*. It management hat ferskillende prioriteiten - wurkynhâld, tiidsplanning en oanstjoering fan 'e meiwurkers - dy't net altyd passe by in aktyf belied Frysk. De taalhâlding fan it management is posityf, mar yn 'e praktyk hat it Frysk gjin prioriteit. De managers wurde ek net ôfrekkene op útfiering fan it taalbelied.
11. It taalbelied Frysk hat gjin dúdlik plak krigen yn 'e organisaasje. Der is wol in beliedsmiwurker Frysk, mar op 'e ôfdielings en yn 'e wurkpraktyk is dêrmei it taalbelied Frysk net bot sichtber.
12. It taalbelied Frysk is min 'ynbêde' yn 'e reguliere beliedssyklus. Benammen de evaluaasje en monitoring fynt net systematysk plak en hat ûnfoldwaande ferbân mei de reguliere *planning en control cyclus*.
13. De gemeente hat gjin formeel foech rjochting ûnderwiis en berne-opfang. Dat is troch de gemeente ek ûnderkend, benammen yn 'e notysje Frysk Fitaal II. Der binne boppedat oare partijen dy't harren mei it Frysk yn dy sektoaren (mear en faker) bemuoie, benammen de provinsje Fryslân en it Sintrum Frysktalige Berne Opfang. De rol fan 'e gemeente foar ûnderwiis en berne-opfang is dêrtroch wat it Frysk oanbelanget ûndúdlik.

Utfieringspraktyk

14. It belied oangeande it skriftlik brûken fan it Frysk yn it bestjoerlik ferkear is, nettsjinsteande dúdlike, skriftlike bestjoerlike ôfspraken en ûndertekening fan in yntinsjeferklearring, net realisearre. Doelen fan 'e yntinsjeferklearring wurde lang net helle. Fan 'e brieven nei Deputearre Steaten is mar 18% yn it Frysk, wylst dat neffens de yntinsjeferklearring *alle* brieven wêze moatte soene. Ek oare bestjoerlike korrespondinsje is net yn it Frysk. De bestjoerlike ôfspraak (it konvenant) hat blykber te min útwurking krigen op útfierend nivo.
15. Neffens it belied moat it persoanel it Frysk minstens passyf behearskje. Yn 'e praktyk is dat persintaazje ek heech: 96% jout oan it Frysk (hiel) goed te ferstean; 66% (hiel)

goed te lêzen. Skriuwen behearskje meiwurkers in stik minder (17%). It byld fan taalbehearsking fan 'e gemeentlike meiwurkers wykt net ôf fan it algemiene byld yn Tytsjerksteradiel en de provinsje.

16. De easken oan taalbehearsking binne net hiel hurd en jilde foaral foar nije meiwurkers. It liket der ek op dat yn 'e praktyk de *easken* 'fertaald' binne nei in net ferplichtsjende *mooglikheid* fan it folgjen fan in kursus. Der wurdt yn 'e praktyk net folle oandacht oan taalbehearsking bestege yn funksjonearrings-/pop-petearen, wylst dat wol eksplisyt as belied formulearre is. By nije sollistanten is it wol in oandachtspunt, mar binne kwaliteit en kompetinsjes op oare flakken wichtiger.
17. Troch de bestjoerlike ûnôfhinklikens dy't it fuortset ûnderwiis en it basisûnderwiis hawwe foar de gemeente oer, is de bemuoienis dêr marzjinaal te neamen. Maatregels beheine har oant it finansjeel stypjen fan materiaal en lesmetoaden. De finansjele stipe foar materiaal en lesmetoaden foar de foarskoalske opfang en it ûnderwiis foldocht oan de fraach út dy sektoaren. De doelsubsydzje wurdt brûkt wêr't dy foar bedoeld is.
18. Fan 'e gemeentlike beliedsmiwurkers jout likernôch in tredde oan op 'e hichte te wêzen fan mooglikheden fan stipe op it mêd fan it Frysk. De frekwinsje wêryn't de stipe brûkt wurdt is lykwols tige leech.
19. De fersprieding fan 'e spellingchecker is net botte hurd gien. Ek fan 'e neisjochtsjinst fan 'e Afûk wurdt net folle ('sa no en dan') gebrûk makke. Tiid en ûnwissichheid oer de stipemooglikheden spylje dêrby in rol.
20. De webside is yn begjinsel twatalich, mar Frysktalige ynformaasje op 'e webside is no beheind.

Praktyske beheining

21. As beheining foar it brûken fan it Frysk spylje foaral mei: lege prioriteit, tiid en kosten. By skriuwen is tiidsdruk faak it probleem. By it skriuwen spilet ek de kompleksiteit fan stikken, foaral by juridyske stikken, in rol.
22. Yn it fuortset ûnderwiis wurdt de bekostiging fan it Frysk nei it earste jier noch hieltyd in kniepunt fûn. Dat is ek konstatearre yn Frysk Fitaal II.
23. Yn it fuortset ûnderwiis is in relatyf grut part fan 'e dosinten net Frysktalich of wennet net yn in Frysktalige wurkomjouwing. Dat is in ferskil mei de foarskoalske opfang en it basisûnderwiis en kin in beheinende rol spylje by de útfiering fan taalbelied Frysk yn it fuortset ûnderwiis. Yn 'e foarskoalske opfang en it basisûnderwiis spilet dizze beheining net sa bot.
24. De kennis fan algemiene aspekten fan meartaligens is neffens de enkêteresultaten net hiel heech en foarmet mooglik in beheining.
25. Yn 'e praktyk is de útfiering fan taalbelied Frysk sawol by de gemeente as by foarskoalske opfang en ûnderwiis ôfhinklik fan 'e (entûsjaste) ynset fan yndividuele meiwurkers of dosinten.

Konklúzjes: beäntwurding fan de ûndersyksfragen

- *Wat is it hjoeddeistige taalbelied? Wat binne de doelen en ynstruminten en hokker ûnderstellingen en ferwachtings binne der oer de effektiviteit fan 'e ynstruminten?*

By de befiningen hjirfoar is oanjûn hoe't it belied opset is, en hoe realistysk de ynstruminten binne yn 'e eagen fan belutsenen. De gemeente Tytsjerksteradiel hat yn ferliking mei oare gemeenten in breed taalbelied opsetten mei in relatyf grut tal maatregels. It taalbelied fan 'e gemeente is yn dat opsicht ambisjeus te neamen.

- *Wat is de (ûnderfûne) effektiviteit fan it taalbelied? Is der in (ûnderfûn) ferskil tusken belied en útfiering?*

De praktyk fan 'e beliedsútfiering is beheinder as de ambysjes. Dit ûndersyk lit sjen dat der in ferskil is tusken beliedspraktyk en it belied sa as dat yn 'e ferskillende beliedsnotysjes op papier set is. In tal maatregels rjochte op 'e gemeentlike organisaasje is yn 'e praktyk beheind útfierd. De beliedspraktyk is mear frijbljuwend ('noflik') fan karakter, as it belied sa't dat yn 'e ferskillende beliedsnotysjes dellein is. Benammen yn it ûnderwiis en de foarskoalske opfang kin de gemeente allinnich posityf stimulearje en fia ôfspraken it belied fan 'e ynstellings beynfloedzje. Dat docht de gemeente ek. De subsydzje foar oanskaf fan Frysktalich materiaal en Fryske lesmetoaden wurdt op dy wize efektyf brûkt. De yndruk yn dit ûndersyk is dat de bemuoienis fan 'e gemeente mei de kwaliteit fan it oanbod en de taalûntwikkeling yn 'e pjutteboartersplakken yn dy sektor hydroegen hat oan de relatyf grutte oandacht dy't dêr foar it Frysk is.

- *Binne beliedsdoelen foldwaande SMART en wurkber formulearre?*

In part fan 'e doelen en ynstruminten is net foldwaande SMART en wurkber formulearre. It taalbelied fan 'e gemeente Tytsjerksteradiel foldocht fierder mar foar in part oan in goede ynbêding yn 'e beliedssykus en yn 'e organisaasje. It giet om betingsten om it belied monitoarje te kinnen, en realistysk en efektyf út te fieren. Oan in goede ynbêding yn 'e beliedssykus en yn 'e organisaasje en oan monitoring is ûnfoldwaande oandacht bestege by de opset fan it belied. Dat moat sjoen wurde as in wichtige 'omisje' yn 'e opset fan it belied.

- *Yn hoefier binne der ferskillen yn (ynterpretaasje fan) doelen en ynstruminten tusken kolleezje en rie oan de iene kant en de amtlike organisaasje en oare útfierders fan it taalbelied oan de oare kant?*

Der is in ferskil yn (ynterpretaasje fan) doelen en ynstruminten tusken kolleezje en rie en de amtlike organisaasje. It giet dan foaral om in lege prioriteit en it foarrang jaan oan oare saken, sawol by meiwurkers as by it management. De ambysjes yn Frysk Fitaal binne net dúdlik fertaald yn wannear't by foarkar it Frysk brûkt wurde moatte soe. Yn 'e praktyk wurdt de útfiering fan it 'reguliere' belied wichtiger fûn. Benammen de útfiering binnen de gemeentlike organisaasje om it skriftlik brûken fan it Frysk hinne en de taaleasken foar meiwurkers binne yn 'e praktyk lossen ynfolle as dat sy op papier útienset binne. Der is te min in foarbyldfunksje fan it management en it management wurdt net genôch ôfreckene op it belied dêr't it wol ferantwurdlik foar is. Yn dy sin is de útfiering te 'los' ferlike mei

de ambysjes en ôfspraken dy't op papier steane. Der is dêrom ferlet fan mear dúdlikens oer de doelen en it belang - de 'prioriteit' - fan it taalbelied.

- *Hokker wetlike en praktyske beheinings binne der om it taalbelied fluch en sa folslein mooglik út te fieren?*

Rjochting it ûnderwiis en de foarskoalske opfang binne der wetlike en organisatoaryske beheinings. De gemeente hat (hast) gjin foech om yn dy sektoaren belied te beynfloedzjen. De gemeente hat yn dat ferbân sels ek in omslach makke - fan Frysk Fitaal I nei Frysk Fitaal II - en erkent dat it foech tige beheind is.

Fierder is de yndruk dat der ûndúdlikens is oer wa't no ferantwurdlik is foar taalbelied yn it ûnderwiis en de foarskoalske opfang: de gemeente, it Sintrum Frysktalige Berne Opfang, Cedin en/of de provinsje. De gemeente is rjochting pjutteboartersplakken aktyf, mar de wichtichste stiper yn 'e foarskoalske opfang liket it Sintrum Frysktalige Berne Opfang te wêzen. Njonken de gemeente stipet ek de provinsje (ûnder oare fia Cedin) en soms ek 'Europa' it taalbelied.

Der binne fierder praktyske beheinings yn 'e sfear fan te min tiid en ekstra kosten.

- *Yn hoefier spylje (beheinde) kennis oer taal(belied) en de taalhâlding in rol by de útfiering?*

Beheinde kennis en de taalhâlding spylje in rol by de útfiering. By it belied rjochte op 'e gemeentlike organisaasje docht bliken dat de kennis oer details fan it belied en spesifike maatregels beheind is. De taalhâlding fan belutsenen is op harsels posityf foar it Frysk oer, mar ferplichtsjende maatregels lykje lestich te akseptearjen. Der is wat dat oanbelanget gjin ferskil tusken de taalhâlding fan 'e gemeentlike meiwurkers en fan 'e Fryske befolking yn it algemien.

- *Wat hawwe útfierders nedich om te kommen ta in effektive útfiering fan it taalbelied?*

Utfierders wize foaral op praktyske beheinings yn 'e sfear fan te min tiid en ekstra kosten. Der soe steld wurde kinne dat as de gemeente wier taalbelied wol, dan ek tiid en finansjele middels frij makke wurde moatte om praktyske beheinings op te lossen. Der is in ferskil tusken ambysjenivo en praktyske ynset fan middels en tiid.

- *Hokker oanbefellings kinne dien wurde?*

Op 'e oanbefellings wurdt hjirnei yngongen.

Oanbefellings

Ut de befiningen en de analyze fan it taalbelied folgje in tal oanbefellings. De oanbefellings ha te krijen mei de beliedsdoelen, de organisaasje en de praktyske útfiering. De oanbefellings binne opsteld mei as útgangspunt dat de (haad)doelen fan it taalbelied noch aktueel binne.

Doelen

- I Foar in effektyf taalbelied is it nedich dat de doelen helderder en mear realistysk fêststeld wurde. De effektiviteit fan it belied kin fersterke wurde as der by útfierders en de doelgroepen mear eenduidigheit is oer de doelen en it belang fan it taalbeleid. De rekkenkeamerkommisje jout de gemeenterie dêrom mei te oerwagen oer de doelen en it belang fan it taalbelied nochris dúdlike útspraken te dwaan. De gemeente kin ek mear en better kommunisearje oer de doelen en ynstruminten fan it gemeentlike taalbelied Frysk, sawol ekstern (rjochting foarskoalske opfang en ûnderwiis) as yntern (gemeente).
- II Benammen taaleasken oan meiwurkers - foar hokker funksje is hokker nivo fan hokker taalfjild nedich - en de doelen foar it Frysk skriuwen soenen op 'e nij en konkreet bepaald wurde moatte. Yn it ramt fan it personielsbelied soe in mear eksplisite útwurking jûn wurde kinne oan de doelen op it mêd fan taalbehearsking. Der soe ek, lykas al ôfpraat, yn funksjonearrings-/pop-petearen mear *systematysk* - bygelyks yn in format of protokol foar funksjonearrings-/pop-petearen - oandacht wêze moatte foar de Fryske taalbehearsking en foar kursusmooglikheden. Om it doel oangeande it Frysk skriuwen te berikken, soe in realistysk en te monitoarjen stappeplan opsteld wurde moatte. Konkreet kin yn in earste stap it Frysk skriuwen mear sichtber wurde yn bygelyks ynterne stikken as e-mails en notulen.
- III It kolleezje moat it inisjatyf nimme om de doelen en útfiering fan 'e yntinsjeferklearring nochris te befêstigjen mei de belutsen partners, en neiere ôfspraken te meitsjen oer de ynterne útfiering fan 'e maatregels.

Organisaasje

- IV It kolleezje moat yn diskusje gean mei de provinsje oer wa't ferantwurdlik is foar it taalbelied Frysk yn it ûnderwiis en de foarskoalske opfang: de gemeente of de provinsje (c.q. it Sintrum Frysktalige Berne Opfang/Cedin).
- V It taalbelied moat in dúdlik plak krije yn 'e planning en control cyclus fan 'e gemeente, sawol per ôfdieling as foar de hiele gemeentlike organisaasje. Dêrfoar moatte mear 'monitoring tools' ûntwikkele en brûkt wurde. It managementteam dat ferantwurdlik is foar de útfiering soe hjir in opset foar ûntwikkelje kinne.
- VI It taalbelied rjochte op 'e gemeentlike organisaasje moat mear sichtber wêze yn 'e organisaasje. It managementteam moat dúdliker harren foarbyldfunksje útdrage. Der is ferlet fan konkrete stipe troch kollega's op 'e ôfdieling en de beliedsmeiwurker Frysk moat in dúdliker plak yn 'e organisaasje krije.


Praktyske útfiering

- VII Praktyske beheinings meie net in beheining wêze foar de útfiering, mar der moatte praktyske oplossingen foar socht wurde. As dêrfoar mear middels nedich binne, dan kin de rie oerwage om mear middels beskikber te stellen foar de útfiering fan it taalbelied. It kolleezje moat by de provinsje de bekostiging fan it Frysk as eineksamenfak yn it fuortset ûnderwiis (nochris) oan de oarder stelle, yn it ramt fan 'e trochgeande Frysktalige learline.

- VIII Der moat mear ynformaasje komme oer taalûntwikkeling en meartaligens yn it algemien, wêryn't ek oandacht is foar it Frysk. De ynformaasje moat foaral rjochte wêze op âlden, groepsliding yn foarskoalske opfang, dosinten yn it ûnderwiis en gemeentlike meiwurkers. De gemeente kin dêrfoar (mear) gebrûk meitsje fan materiaal fan it Sintrum Frysktalige Berne Opfang, Afûk, Cedin en de provinsje.
- IX Op koarte termyn soenen de folgjende praktyske maatregels útfierd wurde moatte:
- a. De Fryske taalhelp (spellingchecker) moat flugger en folle mear ferspraat wurde binnen de gemeente. (Der is in plan foar dit jier.⁷⁴)
 - b. De twataligens moat mear sichtber wurde op 'e webside. Der moat mear Frysktalige ynformaasje op 'e webside komme.
 - c. De beslutelisten fan 'e rie soene, konform it taalbelied, yn it Frysk opsteld wurde moatte.

⁷⁴ Evaluaasjeferlach (2009), s. 6.

6 REAKSJE KOLLEEZJE OP FOLSLEINENS EN FEITLIKE ÛNWIERHEDEN



De rekkenkeamerkommisje fan Tytsjerksteradiel
De hear S.K. Dijkstra
A.a. gemeentehûs
BURGUM

Burgum, 20 augustus 2009

ús merkteken : Mienskip/ W2009-7901
behannele troch : D. Bakker
telefoannûmer : 0511 – 460752
jo brief fan :
jo merkteken :
ûnderwerp : Reaksje konsept-rapport taalbelied Frysk

VERZONDEN 24. 08. 09

Achte rekkenkeamerkommisje,

Jimme hawwe ús in konsept-rapport stjoerd oer it tapassen fan it Frysk taalbelied yn ús gemeente. Graach wolle wy reagearje op dat rapport.

Yn it foarste plak wolle wy de kommisje komplimintearje mei it resultaat dat der no leit. Fansels sille wy letter noch op de ynhâld reagearje mar op dit stuit wolle wy al sizze dat wy fine dat jim der goed yn slagge binne it ûnderwerp yn kaart te bringen.

It giet no om jimme fraach of wy opmerkings ha oer de folsleinens en feitlike ûnwierheden yn it rapport. Us reaksje kin koart wêze wat dat oanbelanget. Yn feite hawwe wy twa opmerkings oer it rapport. Op side 20 by "Oanpak" hawwe wy by it fiifde oandachtsstreekje ien foutsje konstatearre as it giet om de kosten fan it lêsmateriaal foar de berneopfang en de pjutteboartersplakken. Op dit stuit stelle wy nammentlik sa'n € 1.000,- beskikber foar lêsmateriaal foar de berneopfang en foar de pjutteboartersplakken stelle wy op jierbasis sa'n € 2.000,- (sirka € 150,- per lokaasje) foar itselde doel beskikber.

Twads merke wy op dat it spitich is dat der gjin ynterview plakfûn hat mei it Kristlik Basis ûnderwiis. Foar in kompleet byld soe it neffens ús goed wêze dat dit noch bart.

Dêrnjonken wolle wy jim ek witte litte dat wy it spitich fine dat jim ús de oanbefellings en benammen konklúzjes op dit stuit ûnthâlde en no noch net yn it rapport fermelde. Dertroch kinne wy no net besjen oft de konklúzjes en oanbefellings oanslute by de ynhâld fan it rapport. Nei ús betinken heart dit ek by it hifkje kinnen op folsleinens, sa't de oardening dat oanjout. Mooglik hawwe wy mei dêrtroch no mar ien opmerking. It is ús ek net dúdlik om hokker reden jim dit stânpunt no ynnimme. Soks is ek yn ôfwiking fan de eardere gong fan saken. Sa'n oanpassing fernuveret ús deste mear om't dit punt net oan 'e oarder west hat by de evaluaasje fan it wurk fan de rekkenkeamerkommisje, dy 't krektlyn west hat.

Ek fine wy it frjemd dat jim om in mûnlinge reaksje freegje en dochst wolle dat wy yn it foar ek skriftlik reagearje. Nei ús betinken soe in skriftlike reaksje yn twadde ynstânsje altyd noch kinne as der nei in iepen petear noch punten oerbliuwe soene.

Mei dêrom stelle wy it op priis meikoarten noch mei jim te praten. Neist it rapport ek oer dizze twa punten. Wy stelle út dat der fia ús bestjoerssekretariaat in ôfspraak makke wurdt.

Mei rju achtinge,

Boargemaster en wethâlders fan Tytsjerksteradiel
de siktaris de loko boargemaster


T. Dijk


B.R. Bakker

c.c. : collegeleden, secr.
brreaksjerapport09.db

7 NEIWURD

Der binne troch it kolleezje fan boargemaster en wethâlders twa opmerkingen makke oer de folseinens en feitlike ûnwierheden yn it rapport.

De opmerking oer it eksakte budzjet foar lêsmateriaal yn berne opfang en pjutteboartersplakken is yntegraal ferwurke yn it rapport.

Oer de twadde opmerking dat der net in ynterview west hat mei in skoalle yn it kristlik basisûnderwiis kin it folgjende sein wurde. It kristlik basisûnderwiis is wiidweidich meinommen yn it ûndersyk. Der hat yn in earste fase fan it ûndersyk kontakt west mei it bestjoer fan it PCBO Tytsjerksteradiel. Fierder hat it kristlik basisûnderwiis meidien mei de enkête. De respons ûnder dosinten yn it kristlik basisûnderwiis wie nei skatting 37% (dat is heger as yn it iepenbier basisûnderwiis). As lêste is it kristlik basis ûnderwiis oan de oarder kommen yn in tal ynterviews.

Der is probearre om ek mei in direkteur fan in kristlike basisskoalle in ynterview te regeljen. Dit is lykwols om praktyske redenen net slagge. It wie lestich om in ôfspraak te meitsjen binnen de tiid dy der yn de ûndersyksplanning wie. Dêr by spile mei dat yn de rin fan it ûndersyk út de analyze en út oare ynterviews bliken die dat de bemuoienis fan de gemeente mei it ûnderwiis op it mêd fan taalbelied beheint is. Sjoen dat de posysje fan it kristlik basisûnderwiis noch mear op ôfstân is as dy fan it iepenbier ûnderwiis wurdt net ferwachte dat de resultaten fan in ynterview by in kristlike basiskoalle oars binne as de oare resultaten fan it ûndersyk. De ynskatting fan de ûndersiker wie op dat momint dat in ynterview by in kristlike basisskoalle net mear ynsjoch opsmite soe as de eardere kontakten mei it PCBO, de enkête yn it kristlik ûnderwiis en de oare ynterviews al opsmiten hienen. Dat oardiel jildt ek by de ôfrûning fan it ûndersyk noch. Dizze útlis is yn in noat yn paragraaf 4.6 (Ynterviews) koart opnommen.

In lêste opmerking is dat yn oanfolling op wat yn paragraaf 4.5 stiet oer de notulen en beslutelisten fan de rie de sitewaasje no sa is dat de beslutelisten yn it Nederlânsk binne. Dat komt net oerien mei wat as taalbelied fêststeld is. Der is fêststeld dat foar it skriftlik brûken fan it Frysk keazen wurdt by 'stikken foar de riedsgearkomsten, lykas wurklisten, foarblêden (ek beslutelisten)'.⁷⁵

⁷⁵ Frysk Fitaal (2004), p. 11. (Heakjes binne lykas yn de beliedsnotysje.)

Dokumintaasje en literatuer

Beliedsdokuminten

Bestjoersôfspraak (2005)

Útfieringskonvenant Fryske taal en kultuer, Dokkum.

Evaluasjeferslach (2009)

Gemeente Tytsjerksteradiel, Evaluasjeferslach 2008 Utfieringslan Frysk, Burgum.

Frysk Fitaal I (2004)

Gemeente Tytsjerksteradiel, Beleidsplan Frysk 2003-2008 'Frysk Fitaal', Burgum.

Frysk Fitaal II (2007)

Gemeente Tytsjerksteradiel, Notysje Frysk 'Frysk Fitaal II', Burgum.

Hânfêst (1999)

Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden, rapportage inzake de maatregelen welke Nederland heeft getroffen ten aanzien van het Fries, Fryske Akademy, Ljouwert.

Programmabegroting 2008-2011

Gemeente Tytsjerksteradiel, Programmabegroting 2008-2011, Burgum.

Provinsje Fryslân (2007)

Provinsje Fryslân, Fan Rjocht nei Praktyk. Frysk yn Fryslân: taal tusken minsken
Beliedsplan Fryske taal 2008 - 2010, Ljouwert

Taaloardening (2001)

Gemeente Tytsjerksteradiel, Oardening Frysk yn it skriftlik ferkear, Burgum.

Útfieringsplan (2007)

Gemeente Tytsjerksteradiel, Frysk yn ús gemeentlike organisaasje, Burgum.

Yntinsjeferkearring (2006)

Yntinsjeferkearring Frysk taalbelied, De Jouwer.

Oare literatuer

Berie (2005)

G.I. Jellema en A.M.J. Riemersma (red.), Taalbelied by gemeenten. In tuskenstân & oanfolging, Berie foar it Frysk, Ljouwert

Blömer, Boneschabnsker en Van der Tuin (2001)

J. Blömer, E. Boneschansker en I. Van der Tuin, Taal in de zorg/Taal yn'e soarch, Fryske Akademy, Ljouwert.

Boneschansker en le Rütte (2000)

E. Boneschansker en M. le Rütte, Pjuttepraat. Friestaligheid in peuterspeelzalen en kinderdagverblijven, Fryske Akademy, Ljouwert

Boneschansker (2006)

E. Boneschansker, Evaluasje Sintrum Frysktalige berne-opfang 2003-2006, Bureau Beleidsonderzoek, Ljouwert.

Van der Bij en Valk (2005).

J. van der Bij en W. Valk, Fries in het voortgezet onderwijs. Een Echternachse processie, Fryske Akademy, Ljouwert.

Fryske Taalatlas (2007)

Provinsje Fryslân, De Fyske taalatlâs 2007. Fryske taal yn byld, Ljouwert.

Gorter en Jonkman (1995)

D. Gorter en R. J. Jonkman (1995), Taal yn Fryslân: op 'e nij besjoen, Fryske Akademy, Ljouwert.

Kornelis, Verkooijen en Boneschansker (2008)

E. Kornelis, L. Verkooijen en E. Boneschansker, Taalbelied yn 'e soarch/Taalbeleid in de zorg, Bureau Beleidsonderzoek, Ljouwert.

Krol (2008)

J. Krol, Gemeenten en Frysk. Een overzicht van het Friese taalbeleid van de gemeenten in Fryslân volgens de criteria van het menusysteem, Provinsje Fryslân, Ljouwert.

Provinsje Fryslân (2007)

Provinsje Fryslân, Rapportage quick scan Friese taal 2007, Ljouwert

Van Ruijven (2003)

E.C.M. van Ruijven (2003), Voorsprong of achterstand? Onderzoek naar het onderwijsniveau van de Friese leerlingen in het basisonderwijs en voortgezet onderwijs, Fryske Akademy, Ljouwert.

Van Ruijven en Ytsma † (2003)

E.C.M. van Ruijven en J. Ytsma, Regionale minderheidstalen en het effect van de thuistaal op schoolprestaties
Paper, Fryske Akademy, Ljouwert.

Ûnderwiisynspeksje (2005)

Ûnderwiisynspeksje, De kwaliteit van het vak Fries in het basisonderwijs en het voortgezet onderwijs in de provincie Fryslân. Technisch rapport.

Taheakke I: Ynterviewde persoanen

Mw. Alsma - beliedsmeiwurker onderwijs gemeente Tytsjerksteradiel

Dhr. Bakker - beliedsmeiwurker Frysk gemeente Tytsjerksteradiel

Dhr. De Jager - direkteur gemeente Tytsjerksteradiel

Mw. Van der Feen - ôfdielingshaad BMO (eartiids WWB) gemeente Tytsjerksteradiel

Dhr. Fokkema - wethâlder ûnderwiis/wolwêzen gemeente Tytsjerksteradiel

Dhr. Haandrikman - direkteur OSG Singelland Burgum

Dhr. Kloosterman - direkteur CSG Liudger Burgum

Mw. Noordmans - direkteur OBS 't Partoer Burgum

Mw. Rijpstra - wethâlder Frysk gemeente Tytsjerksteradiel

Mw. P. Scheepsma - klustermanager Kinderwoud bv

Mw. Schriemer - Kearn (pjutteboartersplakken)

Mw. Tasma - ôfdielingshaad FJZ gemeente Tytsjerksteradiel

Taheakke II: Taalstúdzjes

De ôfrûne jierren binne der in tal stúdzjes dien nei taalsitewaasje en taalbelied. Oer it algemien jouwe de ûndersiken ynsjoch yn de taalsitewaasje yn de ferskate sektoaren. Yn ûndersyk nei gemeentlik taalbelied is sjoen nei de beliedsfjilden: (algemien) bestjoer, ûnderwiis, kultuer, media, sosjaal-kultuereel wurk en sûnensoarch. Oare stúdzjes wienen rjochte op spesifike sektoaren: berne-opfang, sûnensoarch en ûnderwiis.

Hjirnei wurde de stúdzjes koart gearfette en besjoen op relevante resultaten.

Taalsitewaasje (algemien)

Yn in tal ûndersiken nei de algemiene taalsitewaasje is yngean op faktoaren dy't it taalgebrûk beynfloede. It giet dan om faktoaren dy't te krijen hawwe mei kenmerken fan bepaalde groepen. It algemiene byld is dat it Frysk in soart brûkt wurdt. ûnderskied wurdt wol makke nei leeftiid, wenplak (stêd-plattelân), en memmetaal. Yn it algemien wurdt it Frysk faker brûkt troch âldere generaasjes, op it plattelân en as it de memmetaal is. De ynformaasje út de ûndersiken lit ek sjen dat de taalhâlding foar it Frysk oer yn it algemien posityf is. Sjoch Gorter en Jonkman (1995), Provinsje Fryslân (2007) en De Fryske Taalatlas 2007.

Gemeentlik belied (provinsjale stúdzjes)

It gemeentlik Frysk belied is al in tal kearen ûndersocht; de lêste kear yn 2008 (Krol, 2008). Eardere ûndersiken binne hâlden yn 1999, 2001 en 2005. Sjoch Berie (2005). It ûndersyk is rjochte op de oanwêzigheid fan belied of ôfspraken oer it Frysk. Hoefier it belied ek yn de praktyk plak fynt, is net besjoen yn it ûndersyk.

Yn it lêste ûndersyk wurdt oanjûn dat in romme mearderheid fan de gemeenten in eigen gemeentlik taalbeliedsplan hat of der mei dwaande is ien op te stellen. Beliedsplannen wurde lykwols net faak periodyk evaluearre. Hast de helte fan de gemeenten yn it ûndersyk hat in taaloardening. Ek binne der faak ôfspraken oer op hokker wize it Frysk brûkt wurdt by it opnimmen fan de telefoan. Mear as de helte fan de gemeenten hat in wurkgroep of beliedsmeiwurker dy't har dwaande hâldt mei it belied.

Easken foar it persoanlik oangeande it behearskjen fan it Frysk - dat kin passyf of aktyf wêze - wurde lang net hieltyd stelt. At se stelt wurde, giet it faak om balymeiwurkers. Soms liket it derop dat der gjin dúdlike ôfspraken binne oer de taalbehearsking, mar dat in sekere mate fan (passive) taalbehearsking wol ferwachte wurdt Berie (2005). Wol biede hast alle gemeenten de mooglikheid oan fan kursussen Frysk. It belied is der faak op rjochte dat korrespondinsje mei ynstellings en buorgers taalfolgjend is. Yn de helte fan de gemeenten wurdt ek wol gebrûk makke fan helpmiddels lykas de Fryske spellingkontrôle foar op de kompjûter. It belied is derneist faak rjochte op sichtberens: Frysktalige strjittenammen en meartalige web sides.

Op it mêd fan gemeentlik belied rjochte op ûnderwiis en foarskoalske opfang litte gemeenten it taalbelied foar it grutste part oer oan de skoallen en ynstellings. Frysk is fierders wol in 'oandachtspunt' yn it lokale ûnderwiisbelied. Hast gjin inkele gemeente stelt bygelyks kwaliteitseasken wat it Frysk oanbelanget foar groepsliding en dosinten. Wol wurde Fryske lesmetoaden, lesmateriaal en kursussen faak (foar in part) bekostige troch gemeenten. Foaral it Tomkeprojekt foar pjutten is populêr.

Berne-opfang

'Pjuttepraat' (2000)

It ûndersyk Pjuttepraat (Boneschansker en Le Rütte, 2000) is in ûndersyk nei Frysktaligens yn pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen. Yn dat ûndersyk wurdt oanjûn dat Frysktaligens mear foarkomt op it plattelân as yn 'e stêd. It Frysk wurdt lykwols net folslein brûkt: op it plattelân wurdt meastal Frysk en Hollânsk njonken inoar brûkt. Groepen yn pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen mei benammen Frysktalige bern wurde yn haadsaak fûn op it plattelân. Foaral pjutteboartersplakken binne Frysktalich. It ûndersyk lit sjen dat Frysk yn yndividuele kontakten mei Frysktalige bern folle faker brûkt wurdt as by ûnderskate groepsaktiviteiten, lykas foarlêzen, ferske sjongen en kringgesprek.

Ut de stúdzje komt ek nei foaren dat de taalbehearsking fan liedsters frij goed is. Hast alle liedsters kinne Frysk ferstean, wylst 80% it Frysk frij aardich oant hiel maklik prate en lêze kin. Skriuwen is dreger. De grutte mearderheid fan 'e liedsters hat gjin formele oplieding foar it (brûken fan it) Frysk hân. De aardich goede taalbehearsking komt fuort út de Fryske taaleftergrûn; foar mear as de helte fan de groepslidsters is Frysk har memmetaal.

Gjinien fan 'e ynstellings foar foarskoalske opfang dy't yn dit ûndersyk behelle wienen, hat in eksplisyt Frysk taalbelied. It stimulearjen fan 'e Fryske taal wurdt, bûten de pjutteboartersplakken dy't ferbûn binne mei de Stifting Pjutteboartersplak (no it Sintrum Frysktalige Berne Opfang), oer it algemien net sjoen as in (njonken)doel. De wize fan omgean mei de Fryske taal, kin omskreaun wurde as 'folgjend': as de bern Frysk prate, wurdt der yn begjinsel ek Frysk tsjin de bern praat.

Evaluasje Sintrum Frysktalige Berne Opfang

Yn 2006 binne it doel en de organisaasje fan it Sintrum Frysktalige Berne Opfang evaluearre (Boneschansker, 2006). Yn de evaluasje is in tal faktoaren neamd dy't posityf wienen foar it realisearje fan de doelen rûnom Frysktalige berne opfang plakken. Ien fan de faktoaren, dy't mooglik relevant is foar dizze stúdzje, wie dat neist de stipe op it mêd fan taal der ek algemiene stipe is op it mêd fan praktyske saken op wurkfliernivo. De oansletten plakken hawwe dêr foardiel fan. In bredere benadering rjochte op twatalichheid is dêrom neffens it ûndersyk oan te befehlen. De yndruk is dat de bredere benadering better oanslút op in ferlet fan ynformaasje by plakken en by âlden oer twataligens. In twadde 'suksefaktor' is dat der faak en effektyf gebrûk makke is fan de kennis en saakkundigens fan oare partijen lykas GGD Fryslân, Cedin, Afûk en de Fryske Akademy.

Sûnensoarch

Taal in de zorg/Taal yn 'e soarch (2001)

Yn 2001 hat der in ûndersyk west nei de taalsitewaasje yn de sûnensoarch (Blömer, Boneschansker en Van der Tuin et al., 2001). Konklúzje fan dat ûndersyk wie dat it Frysk in sterke posysje hat yn de soarch, mar dat jildt net foar alle sitewaasjes. Soarchmeiwurkers prate fakentiden Frysk mei Frysktalige bewenners, kliïnten en pasjinten. Ek ûnderinoar praat it personeel gauris Frysk. It Frysk wurdt minder faak brûkt by kontakt mei of troch liedingjaanden en dokters. Ek wurdt it Frysk minder brûkt yn formele sitewaasjes, lyk as gearkomsten. Fierder hinget it taalgebrûk gear mei de taaleftergrûn, de âldens, de oplieding en oft men op it plattelân of yn 'e stêd wennet of wurket. Foar mear as de helte fan de bewenners, pasjinten, kliïnten en it personeel is it Frysk de memmetaal.

It ûndersyk lit sjen dat der in dúdlik positive hâlding foar it Frysk oer is as it giet om in algemien oardiel oer it Frysk of it 'ynbêdzjen' fan de organisaasje yn de Fryske omjouwing. Neigeraden dat fragen om it Frysk hinne konkreter wurde en tichter by it nivo komme fan konkrete maatregels, feroaret dy hâlding yn wat 'ôfhâldend' neamd wurde kinne soe. Neffens de stúdzje is it Frysk dan net mear sa hiel wichtich en de Fryske omjouwing is dan gjin oanlieding om aktyf wat mei it Frysk yn de ynstelling te dwaan.

Taalbelied yn'e soarch/taalbelied in de zorg (2008)

Yn 2008 is in ûndersyk dien nei it taalbelied yn'e soarchsektor (Kornelis, Verkooijen en Boneschansker, 2008). Dêr út docht bliken dat mear as twatredde fan de Fryske soarchlokaasjes op gjin inkele wize formeel taalbelied hat. By dy lokaasjes dêr't wol wat taalbelied fûn is, beheint har dat ta de fraach nei de taal fan foarkar by de *intake*. Der is yn'e Fryske soarchynstellings faker ynformeel taalbelied basearre op 'net skreaune regels' of inisjatyf fan in yndividueel personiëlslid. Yn de stúdzje wurdt konkludearre dat der, ferlike mei de útkomsten fan it eardere ûndersyk (út 2001), net folle feroare is yn de aard fan it taalbelied en hoe bot it oanwêzich is. Wol is it sa dat der in ridlik swier belang hechte wurdt oan it folgjen fan de foarkarstaal. Út it ûndersyk komt nei foaren dat yn de soarchsektor de taalkar fan belang wêze kin foar de kwaliteit fan it kontakt tusken kliïnt en meiwurkers, en de kwaliteit fan diagnoaze en behanneling.

Foar de konstataarring dat der net in soad beliedsmjittige oandacht is foar taalbelied wurde de folgjende redenen neamd:

- der wurdt net oan tocht;
- der wurdt gjin needsaak sjoen of probleem ûnderfûn;
- der wurdt al in soad Frysk praat en it is in net-skreaune regel om de kliïnt sa folle mooglik te folgjen yn de taalfoarkar.

ûnderwiis

De ûnderwiisynspeksje (2005) hat yn it skoaljier 2004-2005 ûndersyk dien nei de stân fan saken oangeande it fak Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis. Der binne noch tal fan oare rapporten wêr't Frysk yn it ûnderwiis oan de oarder komt. It Frysk is yn dy rapporten lykwols net it altyd haadtema. Boppedat giet it faak net oer belied mar allinnich om de taalsitewaasje. Sjoch bygelyks Van Ruijven (2003), Van Ruijven en Ytsma † (2003), Van der Bij en Valk (2005). Dêrneist binne der ek tal fan Ynspeksje rapporten foar yndividuele skoallen. Deryn stiet lykwols gjin beoardieling fan it Frysk of it Frysk taalbelied.

De Ynspeksje konkludearre dat it oanbod op basisskoallen net oanslút by de keardoelen foar it Frysk. De lessen Frysk yn it basisûnderwiis binne benammen rjochte op de hâlding foar de taal oer, it ferstean en it praten; de Fryske wurdskat, Frysk lêzen en Frysk skriuwen komme folle minder oan bar. Op de helte fan de Fryske basisskoallen prate leararen en âlden almeast Frysk mei-inoar en op twatredde fan de skoallen prate leararen ûnder inoar Frysk. Fierder konstataarre de Ynspeksje dat fan de ynstellings foar fuortset ûnderwiis ûngefear trijekwart Frysk oanbiedt. Fan de leararen Frysk yn it fuortset ûnderwiis hat 40 persint gjin foech foar dat fak.

It Ynspeksje ûndersyk lit sjen dat basisskoallen mar in bytsje belied ûntwikkele hawwe op it mêd fan Frysk as fak en fiertaal. Ek by ynstellings foar fuortset ûnderwiis is der hast gjin taalbelied ûntwikkele. De measte direksjes, âlden en learlingen fine neffens it ûndersyk Frysk en de Fryske kultuer wol wichtich. De measte skoallen jouwe Frysk omdat hja de Fryske taal en kultuer behâlde wolle of learlingen leare wolle om te funksjonearjen yn in twatalige omjouwing. In tredde part fan de skoallen lykwols jout Frysk benammen omdat it moat. In oare konstataarring fan de Ynspeksje is dat der gjin trochgeande line sit yn it ûnderwiisoanbod Frysk en mar in (hiel) lyts part fan de basisskoallen en skoallen foar fuortset ûnderwiis oerlis hawwe oer it Frysk. Ek mei pjutteboartersplakken is der hast gjin oerlis.

Taheakke III: Detailsifers by figueren

Figuer 3.1: Memmetaal

%	gemeente	foarskoalske opfang	basis ûnderwiis	fuortset ûnderwiis	totaal enkête	Fryslân	Tytsjerksteradiel
<i>n</i>	142	34	81	39	296		
Nederlânsk	34	41	24	67	36	35	25
Frysk	62	59	75	33	62	54	70
streektaal	1	0	1	0	2	10	5
bûtenlânsk	0	0	0	0	0	1	1
	97	100	100	100	100	100	101

Boarne: BBO, provinsje Fryslân

Figuer 3.2: Taalbehearsking

Taalbehearsking - ferstean							
%	gemeente	foarskoalske opfang	basis ûnderwiis	fuortset ûnderwiis	totaal enkête	Fryslân	Tytsjerksteradiel
<i>n</i>	142	36	84	37	299		
(heel) goed	96	97	100	92	97	84	94
vrij aardig	3	3	0	3	2	10	5
met moeite/helemaal niet	1	0	0	5	1	6	2
Taalbehearsking - prate							
<i>N</i>	141	36	84	37	298		
(heel) goed	79	81	86	59	78	64	79
vrij aardig	4	9	8	5	6	10	8
met moeite/helemaal niet	18	9	6	35	16	27	13
Taalbehearsking - lêze							
<i>N</i>	140	36	84	37	297		
(heel) goed	66	53	84	57	69	46	61
vrij aardig	22	33	12	19	20	29	26
met moeite/helemaal niet	11	14	4	24	11	25	13
Taalbehearsking - skriuwe							
<i>n</i>	142	36	81	39	297		
(heel) goed	17	17	51	23	27	10	18
vrij aardig	24	39	26	21	26	16	23
met moeite/helemaal niet	59	45	23	57	47	74	59

Boarne: BBO, provinsje Fryslân

Figuer 3.3: Op'e hichte fan Frysk Fitaal (gemeente)

Bent u op de hoogte van de inhoud van de taalnotities Frysk Fitaal I en/of II?	
<i>n</i>	142
Ja, goed	11
Ja, een beetje	24
Nee	65
Bent u op de hoogte van de inhoud van de intentieverklaring tussen de gemeente en provincie over het Fries?	
<i>n</i>	142
Ja, goed	12
Ja, een beetje	40
Nee	48
Bent u op de hoogte van de mogelijkheden van taalondersteuning binnen de gemeente?	
<i>n</i>	142
Ja	51
Nee	49
Ja, een beetje	1

Boarne: BBO

Figuer 3.4: Gebrûk fan boekjes (foarlêze)

In welke situaties gebruikt u in uw werk het Fries of het Nederlands?	
Voorlezen	
	foarskoalske opfang
<i>n</i>	14
Alleen Nederlands	11
Vooral Nederlands	34
Beide ongeveer even vaak	49
Vooral Fries	6
	basis ûnderwiis
<i>n</i>	74
Alleen Nederlands	23
Vooral Nederlands	49
Beide ongeveer even vaak	27
Vooral Fries	1

Figuer 3.5: Frysk prate mei kollega's en gebrûk by eksterne kontakten

Hoe vaak spreekt u Fries met collega's?	
	gemeente
<i>n</i>	142
(Zo goed als) altijd	54
Niet altijd, maar wel in meer dan de helft van de contacten	25
Zo nu en dan	3
(Vrijwel) nooit	18
Hoe vaak gebruikt u in de externe contacten Fries?	
<i>n</i>	142
(Zo goed als) altijd	16
Niet altijd, maar wel in meer dan de helft van de keren	42
Zo nu en dan	20
(Vrijwel) nooit	23

Boarne: BBO

